




Smids Feikje, ef Rjuerdom's testemint : oarspronkelik toanielstik yn fjouwer bidriuwen, mei in foarstik

<https://hdl.handle.net/1874/234022>



mm 10491

**Oanbean fan de
Krite „Frysk en Frij”
to Hilversum**

Fc WE 2

Instituut voor
Oudgermaanse Taal- en Letterkunde
aan de Rijksuniversiteit
te Utrecht

BIBLIOTHEEK UNIVERSITEIT UTRECHT



2870 624 4

gk *Oudgerm. Leer.*
ACH 543

Smids Feikje

EF

RJUERDOM'S TESTEMINT.

Oarspronkelyk Toanielstik yn fjouwer Bidriuwen,
mei in Foarstik.

Ien fen de fjouwer bêst karde, bikinde antwirden op de Priisfrage
nei it bêste Toanielstik yn de Fryske tael, yn 1883
útskreaun, troch it Ljouwter Toanielselskip.

TROCH

C. D. v. d. WEG.

Oarde printinge.

Oudgermaanse
aan de



To FRJENTSJER BY
T. TELENGA.

te Utrecht

FOARWIRD.

It Toanielstik, dat ik hjirmei oan de ljeafhabbers fen de Fryske tael aanbied, het meitinge nei de earepriis fen hûndert gounen, dy it Ljouwter Toanielselskip yn 1883 oanbea foar it bêste Toanielstik, hokker priis noch net útbitelle is.

Sa het it fen it jild neat krige, mar fen de eare al hwet.

Waerd it troch de karmasters biskouwe as ien fen de fjouwer bêste stikken, dy 't allegearre wol in bikroning wirdich wieren, . . . al dalik nei dat ik it stik om bikinde reden torêch nomd ha, kriich ik fen ûnderskiedene útjouwers oansiik om it printsje to litten en fen Toanielselskippen om it op 'e planken to bringen.

Flaijende en foardielige aanbiedingen binne my dien foar it rjucht fen earste opfiering, ûnder oaren fen ien selskip, dat it, ûnbigryplik enôch, al lêzen hie; dos line rjucht yn striid mei de stiemoereftige bihanneling dy it ûndergien het fen it Ljouwter Toanielselskip.

Der lykwol jild fortsjinjen net myn heechste wyt wier mei it skriuwen fen dit stik, ha ik it net forkwanselje wollen, mar foun it better om it mar printsje to litten en út to jaen. Nou binne alle selskippen der like nei oan en hoopje ik mar, dat hja sels der in bulte wille fen hadde en oaren der in bulte wille mei jaen scille.

Fouten scille der wol yn wêze, mar dy scille ek wol foun wirde, hwent dat it skerp bioardiele wirde scil, dat leit, nei al it jinge, dat 'r mei bard is, wol foar de hân.

Nou, as 't oardiel den mar rjuchtfearnich is, den is 't my wol en scil ik eltse frjeunlike torjuchtwizing yn tank oannimme.

Rispmoanne, 1884.

C. D. v. D. WEG.

PERSOANEN.

Gjalt, *in boer.*
Rjuerd Gjalts, *syn soan.*
Rjuerd Gosses (âlde Rjuerdom), *syn swager.*
Beitske, *hûshâldster en tsjinstfuem by Rjuerdom.*
Jabik, *in smid.*
Berber, *syn wiif.*
Feikje, *hjar dochter.*
Aegema, *dokter.*
Pennema, *notaris.*
Oege, *syn skriuwer.*
Sibbel, {
Lys, { *alle trije arbeiders-froulju.*
Tetsje, {
Strúksma, *in fjildwachter.*

FORDIELING.

Foarstik: *Op 'e strjitte.*
1e Bidriuw: *In Sneuntojoun by de Smid.*
2e Bidriuw: *Smids Feikje.*
3e Bidriuw: *Hwet dokter seit.*
4e Bidriuw: *Rjuerdom's Testemint.*





SMIDS FEIKJE

EF

Rjuerdom's Testemint.

FOARSTIK.

Op 'e Strjitte.

It toaniel is in doarpsstrjitte twisken twa rigels huzen yn. It is trije ûre op 'e neimiddei.

Sibbel, in smoarch arbeiderswiif, leit foar hjar doar op 'e knibbels to skûtelwaskjen; oan de oare kant fen 'e strjitte stiet Lys, dy net folle better is, mei in biezem to feijen; beide binne tige suterich yn 'e klean; Sibbel mei in holdoek om en Lys mei it hier los en wyld om 'e holle hingjen. Sa wirdt it girdyn ophelle.

L y s, (*giet nei Sibbel ta en bliuwt mei de hannen yn 'e siden by hjar stean, hja seit :*)

Nou, Sibbel! dou biste hjoed ek net ier mei 't wirk, tinkt my; nou noch al oan 't skûtelwaskjen?

Sibbel, (*hâldt op mei skûtelwaskjen en giet oerein stean.*)

Ei né, Lys! wiste ho dat komd is? Ik hie fen nacht net folle sliep hawn; dat pyst fen in fanke hie hjar lytse bek oanienwei op to gûlen, en dou wiste ho de manlju binne, dy sjogge nearne nei om; dêrom haw ik nei iten earst in sliepke nomd en dat het hwet to lang dûrre.

L y s.

Ja, dy manlju dêr het min al in heislik krús mei; hja dogge thús neat as iten en drinken, en is 'r hjar is hwet net nei 't sin, den rinne hja faek ek noch nei de herberch to sûpen.

S i b b e l.

En, den litte hja it wiif mei de bern oanpiele, hwent dy binn' er oenares al enôch om it de memmen noch hwet lêstiger to meitsjen.

L y s.

Nou, dat leau ik, dat is oenares al de earste winst nei it trouwen; och sei! as dy earste grienens hwet oer is, hwet brekt yen den dat trouwen sûr op, oars net?

S i b b e l.

Dêr kinste mar donder op sizze, Lys; hwet hie ik it skoan do ik boerefaem wier; in hege lean fortsjinje, iten en drinken op 'e tiid, frijers sa folle as ik hawwe woe en gjin oerlêst fen wirk; . . . 't is wier, ik wier myn eigen master net, mar och! ik hie it oars ek frij enôch; de boer en boerinne woene wol nei myn pipen dûnsje; de fammen wieren 'r do tige krap en dêrom wieren hja bang dat ik foartrinne scoe.

L y s.

't Is my ek krekt sa gien, Sibbel; o! hwet biklei ik folle dy skoane tiid; mar der wier mar gjin kearen oan, dêr moast in man wêze en ik moast myn frijdom hawwe; nou haw ik myn frijdom, mar mei in bongel oan 'e foet; in man dy 't jimmer kryt en kleit, omdat ik him neat nei 't sin dwaen kin, en dêrby alle jierren in bern 'r by . . . it is hwet moais, dat is mar sa.

S i b b e l.

En den krije de froulju altyd de skild as it net goed giet; den wirde dy útmakke foar alles hwet gemien is, den binne hja net kloek enôch, . . . hja binne smoarch, hawwe gjin

oerliz en dogge neat oars as op 'e strjitte stean to rabjen ; mar ik siz mar, it is de bêste slim enôch om mei seis goune yn 'e wike lâns de tiid en den ek noch hwet himmel foar 't ljocht to kommen.

L y s.

Nou, it is sa ; it scoe in hopen lju, dy nou somtyds sa folle oer ús habbe to praten, raer oufalle, as hja eris yn ús skipke farre moasten.

S i b b e l.

Wis ! scoe it dat ; der heste nou Jochems Tet, hwet wier dat foar hjar trouwen in kreaze keine faem ; mar kom nou eris, de lappen sitte nou ek al de iene oer de oare en mei gauwens hingje se hjar ek like folle oan flarden by de hûd del, as ús.

L y s.

En dôchs fortsjinnet hjar man jimmer in goed deihier ; trochstrengs folle mear as in bulte oare arbeiders ; mar min seit, dat Tet en hjar man beide tige graech in súpke meije. Tet komt to minsten altyd by Melle kassleins yn 'e winkel, en bakkers Jeltsje seit, dat it oars nearne om is, as om to mûk jenever to krijen.

S i b b e l.

Nou, dat is al raer net ? min scoe sizze ; ho komt it minske dêr by, dat kin ommers gjin touwen hâlde.

L y s.

Né, dat kin 't ek net, en hja habbe dêr ek neat gjin wille fen ; ik haw foar my sels, as de bern 'r út binne en de man nei 't lân is, folle ljeaver in kopke lekkere thé ef koffy, hwet de tiid seit, mei in kloentsje dêr yn en in stik koeke dêr by.

S i b b e l.

Nou, dat is ek folle better, dêr bliuwt min de selde by en it forsterket ek noch de ynwindige minske, en dêr het min sa nou en den wol ris bihoeft oan.

L y s.

Dat siz ik ek; it libben is oars al to ientoanich; . . . mar sjoch eris . . . komt Tet dêr net oan? . . . as min oer 'e divel praet is 'r altyd tichte by.

S i b b e l.

Nou, ik leau ek dat it Tet is; scoe hja wer nei de forginning wêst ha? . . . hja het hwet yn 'e skelk biside, dat in oar fêst net sjean mei.

L y s.

Hea ja! wy moasten al ris witte hwet dat is; lit ús in praetsje tsjin hjar meitsje en hjar efkes ophâlde.

S i b b e l.

Ik haw oars hast gjin tiid mear, Lys, ik bin hjoed sa deuliske let mei 't wirk.

L y s.

Nou kom! hwet scoe dat; lit de boel mar stean; it wirk seil 'r wol bliuwe, datste hjoed net dochtste, seilste moarn wol wer fine.

S i b b e l.

It is oars ek sa, dien wirk het min dôch nea en is Rommert den joun hwet grommelich as 'r thús komt, dat is net oars, ik bin der ridlik oan wend . . . mar den geane wy hjir hwet op dizze bank sitten.

(hja geane nou sitten op in âlde bank dy dêr by hjar stiet.)

L y s.

Moai sa, dêr kin ik dy wer oan, Sibbel; jonge, min moat dy manlju net al to folle bidearre; ho mear goed min hjarren docht, ho mear hja fen yen easkje, hwent ûntank is 't lean fen 'e wrâld . . . Mar dêr is Tet, hear, pas nou op.

(Tetsje komt op, hja is wol âld yn 'e klean mar hja is himmel en skjin; it liket wol, dat hja de oare beide froulju mar hird foarby seil, mar nou seit:)

L y s.

Goen dei, Tetsje! hwêr seil dit sa hird hinne? jou skreppe dat it hwet docht, is 'r sa'n driu by 't wirk?

T e t s j e.

Dei jimme; ja, ik haw it thús tige drok, ik koe 'r hast net út komme, mar ik moast wol efkes om in boadskip. (*Hja wol wer fierder gean.*)

S i b b e l.

Nou kom! net sa haestich! de tiid heart ús ommers mei'noar; en sa'n handich jong wiif as jou het it wirk fêst al lang oan 'e ein; gean hjir mar in bytsje by ús sitten.

T e t s j e, (*hja bliuwt stean.*)

Jou habbe 'r gelyk oan, dat de tiid ús mei'noar heart, mar elts moat foar him sels mar witte' ho 'r de tiid brûke wol. Ik tink 'r sa oer, as it hûswirk dien is, den is 'r wol hwet to naeijen, to breidsjen ef to stopjen; om hjir to sitten, dat is myn fûch net.

L y s, (*tige spitich.*)

Ei so! tinke jou der sa oer; nou, elts syn wille. Ik wol altyd sa net eselje; en ik hâld 'r my ek neat to great ta om eris in praetsje to meitsjen mei in bûrwiif.

S i b b e l, (*tsjin Lys.*)

Mar der habbe wy de slach net rjucht fen, Lys; wy dogge dat sa mar yn 't iepenbier op 'e strjitte en den wirdt der gau nijs oan sjoen en wirdt min dêroer birabbe, mar der binne ek goed, dy 't dat yn 'e hûs dogge, ûnder in sûpke ef sa.

L y s.

Ja, dat scille sokke wol wêze, dy 't nei de forginning rinne om boadskippen sa 't hjit, mar hwet hja helje yn 'e skelk bisode hâlde, omdat hja de flesse net sjean litte doare.

T e t s j e, (*alhiel forslain.*)

Hwet sizze jimme! Miene jimme, dat ik nei Melle kassleins gean om jenever to keapjen?

L y s.

Wy miene neat en wy sizze ek neat, mar niis alsa sei

'r ien: as ik Tet wier, den dronk ik ljeaver in pântsjefol lekkere koffy ef thé mei in kloentsje dêr yn en in stik koeke dêr by.

T e t s j e.

As jimme Tet wieren, den dienen jimme fen beiden net, hwent den hienen jimme dêr gjin centen ta; mar den stienen jimme sa ek net op 'e strjitte to rabjen en kwea fen in oar to sprekken.

L y s.

Hwa seit kwea fen in oar! wy sizze mar krekt sa it is en dy dat net hearre wol, moat it litte.

S i b b e l.

Sa is 't mar krekt, Lys; Tet is ek noch net sa fier komd; hja draecht de holle nou noch al hwet heech, mar dat seil wol oars wirde, as hja earst mar ris in keppeltsje bern het . . . den seil hja ek net folle tiid oerhâlde to naeijen en to breidsjen en scille de lappen hjar ek wol ris om 't liif bigjinne to bongeljen.

T e t s j e.

Dat seil nea barre, sa lang as Tet in pear hannen oan 't liif het, dy 't hja brûke kin; mar it wirdt myn tiid, ik moat meitsje dat ik by myn siik famke kom.

(Lys en Sibbel springe nou beide oerein.)

S i b b e l, *(hwet forbûke.)*

Hwet sizze jou, Tetsje! is jo famke siik? honear is dat sa komd?

L y s, *(meilijend.)*

Hea noch ta, dêr habbe wy neat fen heard, is 't ek slim Tetsje?

T e t s j e.

Nou slim, dat wit ik just net, hja het jistermiddei de koarts krige en dy is nou sahwet yn 't ourinnen. Ik tink, dat hja hwet gallich is, hwent hja wier sa mislik en nou krige hja sin oan sûr.

L y s.

Mar koene jou nou wol by jo famke wei, Tetsje?

T e t s j e.

Dat koe oars net, mar smids Feikje kaem efkes by my om to sjean ho it mei Hiltse wier en dy sei: wit jo hwet, Tetsje! helje gau efkes in heale flesse fol beisop, by Melle kassleins wei, den kinne jo hjar dêr hwet fen koaitsje, ik seil sa lang wol op Hiltse passe.

S i b b e l.

As ik jou wier, Tetsje, den joech ik it famke hwet Haerlemmerolie, dat is hast foar alle ûngemakken goed.

L y s.

En as ik yn Tet hjar plak wier, den gong ik nei de earmfâlden, om 'e dokter.

T e t s j e, (*tige forheard.*)

Hwet sizze jou, Lys! ik nei de earmfâlden . . . ik? . . . ik nei de earmfâlden? . . . miene jou, dat ik nou alhiel gjin earefieling mear yn my ha? (*Hja wirdt tige oandien en faget de triennen út 'e eagen.*) Och! och! dat de minsken sa leech oer yen tinke kinne.

L y s.

Nou, nou! bidarje mar hwet, dat hoecht jou sa nij net to dwaen; hwêr foar binne 'r earmedokters, as wy arbeiders net troch hjar bitsjinne wurde scille? Jimme binne ommers ek neat mear as sljuchtwei arbeiders.

T e t s j e.

Dat is wier, mar wy binne tagelyk ek arbeiders dy 'r in hege priis op stelle, dat hja hjar sels redde. Ik woe ljeaver earst alles forkeapje, foar dat ik jowne jeften fen 'e earmfâlden oannimme scoe.

L y s.

, En ik wol ljeaver alles fen de earmfâlden hawwe en neat keapje; dêr bin ik neat to grutsk ta.

Sibbel.

Sa is 't mei my ek, Lys; in bytsje Haerlemmerolie foar de bern, dat giet noch, dat is net sa djûr; en binne wy sels net eris to goed, den nimme wy wol ris in rômerfol barn-dewyn, mei piper dêr yn, dat forwaermt en it is meastal kjeld; mar as dat net helpt, den binne wy ek gau by de earmfâlden om dokter.

Tetsje.

Ik seil fen jimme rie, ho goed dy ek miend wêze mei, gjin brûkme meitsje; myn famke kriget gjin Haerlemmerolie en ek gjin earmedokter; moat 'r in dokter komme, den hoopje wy it sels to biteljen; goen dei. (*Hja giet hinne.*)

Lys, (*ropt hjar efternei.*)

En ik wol wedsje, Tet! datstou sonder briefke fen 'e earmfâlden net ienris in dokter krije kinste; wy to minsten net en dou biste ek neat better as wy. Dy dokters helpe oenares hjar sels ek al ljeafst it earste.

Sibbel, (*hja draeit hjar om.*)

Hwet set dat minske in heech krop, net? Scoe min net sweare, dat hja wit hwet bisit?

Lys.

Dat scoe 'k tinke en dôchs het hja neat, wy moasten hjar mar better út 'e leage wosken ha.

Sibbel.

Ja mar, Lys, wiste wol hwêrom hja hjar sa great hâldt? hja teart op 'e bûse fen smids Feikje.

Lys.

Ho komste dêr sa by, Sibbel! 't Is wier, dat smidsfolk is wol hwet mear as in sljuchtwei arbeider, mar dêr libje hja ek nei; dy scille hjar eigen koarsten ek wol bite kinne.

Sibbel.

Ik hear wol, dou wist' 'r neat fen hwêr de ein rjucht fêst sit; smids Feikje frijt yn 't genyp mei Rjuerd, de soan fen Gjaltboer.

L y s.

Is dat sa? Nou, as Gjaltboer dat eris komt to witten, den seil 't ek stjonke; Gjaltboer is sa ryk as de bêste en sa gjirrich as de minste.

S i b b e l.

En sa dom as in baerch, seit min, en sa fyn as koffytsjoek.

L y s.

Den is 'r om syn jild en om syn gelove ek lid fen 'e rie wurden, tink ik.

S i b b e l.

Dat scoe wol wêze kinne; . . . mar om op Feikje en dy torêch to kommen, hja binne ek wol sa wiis, dat hja net frij mei'noar frije meije en dêrom komme hja to mûk by enoar.

L y s.

O, nou kin ik it oare wol riede; dy byienkomst hadde hja den by Jochem en Tet en dy farre dêr wol by; Rjuerd seil den de hân wol goed yn 'e bûse stekke, tink ik; nou kin ik wol bigripe hwêrom as Feikje sa skitende great by Tet en dy's is. Ik woe ek wol sa nou en den ris in pear sokke doukes op 'e matte hawwe.

S i b b e l.

Ja, sa'n bûtenkanske is wol ris aerlich; as 't mar goed bitelle wirdt, den kin men wol sjeande blyn wêze en hearrende dôf; mar ien ding ried ik dy, Lys: nim op sa'n wize gjin al to jonge fammen yn 'e hûs, hear, hwent as dat útkomt, bergje se dy ûnder de blauwe pannen.

L y s.

Dat seil wol hwet tafalle; yn 't lân wirdt dêr sa lyk net nei sjoen; dêr is 't hiel oars as yn 'e stêd; yn 'e stêd binne de lju folle fynder biskave.

S i b b e l.

Skyt! sa'n biskaving; as de fiten dy 't hja wol ris útsette, de lju yn 'e stêd, allegearre is mei houtskoal foar

de holle skreaun wieren, mûlk wieren hja den wol folle swarter om 'e kop as wy.

L y s.

Nou, Sibbel! dêr seiste sa hwet; it is yn 'e stêd ek allegearre gjin goud hwet 'r blinkt.

S i b b e l.

En dat is 't nearne net; dat is 't mei smids Feikje ek net; hja droamt nou mûlk fen in gouden ketting, mar it seil wol mei in iizeren ophâlde tink ik, hwet hjar diel wirdt.

L y s.

Ef alhiel gjin; 't is wier, Feikje is in knappe faem en hja kin hjar ek tige redde. De feinten lykje ek gleaun op hjar to wêzen, hwent hja kriget in bulte oansyk, mar nou fetsje ik 't wol hwêrom hja hjar gelikens altyd blau jout; hja wol it seil hwet heger lûke as sluchtwei; mar o hea noch ta! as de stoarm fen de side fen Gjaltboereris opsetten komt, hwet seil hja it den gau strike moatte; hja kriget Rjuerd nea, wol ik leauwe en den wirdt hja fen de oare feinten ek op 'e rêch oansjoen.

S i b b e l.

Feikje Rjuerd krije? dat liket 'r neat op; as wier it Rjuerd 'r al om to dwaen, hwêr ik neat fen leau, den seil de âlde wol in speake yn 't tsjil stekke, hwent om ien fen dat smidsfolk ûnder de sibben op to nimmen, dêrfoar binne hja lang net fen goedernôch komôf.

L y s.

Ik tink 'r ek sa oer; de smid scoed 'r oars wol blier tsjin oanlaetsje, as 'r sa fen syn dochter ôf rekke.

S i b b e l.

Nou, hwet in wûnder! sokke greate dochters binne foar in bulte lju mar in great lêst, hja rinne altyd pronkmoai en dogge neat foar de kost.

L y s.

Dat is al folle sa; mar dat kin min oars fen Feikje net

sizze; hja is altyd wol tige yn 'e es, mar hja kin ik tige mei de nidle omgean; forline wike het hja my noch in makke jurkje brocht foar ús Kike; dy moast nei skoalle, mar koe net, omdat hja gjin hele klean hie en do brocht hja my dat to joun; ik siz dy, dat wier marris knap makke.

S i b b e l, (*nidich.*)

O, dy divel! dat is ek hjir ef dêr foar, hear; den hestou Rjuerd en Feikje ek al ris by dy hawn to frijen en nou kinst dy tsjin my noch sa dom hâlde? Dat is gemien fen dy, Lys! dat haw ik net oan dy fortsjinne.

L y s, (*ek lilik.*)

Datstou oan my fortsjinne hêste, dat haw ik dy altyd goed bitelle; ik leau, dat ik dy neat skildich bin en wiste hwet gemien is? It is gemien, datste my fen eat fortinkste, dêrstou sels ondogensk enôch for biste.

S i b b e l.

Wol dou sâltsek aste biste! haw ik dêrom de hele neimidei by dy forpraet? it skeelt my de helte net as ik jouw dy de biezem op 'e bealch.

L y s.

It is better, datste dêr dyn ondogenske jonge mei ourânselste, dy het it mei elts to kwea; fen 'e moarn wier 'r mei Pibe skroar's Teunis oan 't fjuchtsjen en neimidei hie 'r wer in oaren bij 't hier.

S i b b e l, (*trillet fen lilkens.*)

Dat leit net op dyn wei, dou hoegste net op myn jonge ta to sjean; pas mar op dyn eigen, dat dy net al to folle op syn mem bigjint to lykjen.

L y s, (*wylst hja hin en wer rint, den wer fen Sibbel ôf en den wer mei alle mállens op hjar ta, hwer inkele foarbygongers, de iene laeitsjende en de oare de skouders opheljende, nei stean bliuwe to sjean.*)

Myn jonge liket neat mear op my, as dyn jonge op dy

liket. It bytsje goede, dat dy oan him het, het 'r fen syn heit en it bulte kweade het 'r fen syn mem oernomd en sa 't nou my jimme sels is, mienst ek, dat it mei in oar giet. Dou moaste dy skamje, Sibbel, datste sa gemien biste.

Strúksma, (*de fjildwachter
komt op.*)

Jimme meije jimme beide wol skamje, dat jimme sa'n búrregerjucht meitsje; pak op alle beide, ef ik seil in oar plak foar jimme sykje.

Lys en Sibbel, (*tagelyk.*)

Mar Strúksma . . . mar . . . mar . . .

Strúksma.

Gjin wird mear, pak op yn 'e hûs, siz ik, ef it seil minder foar jimme wirde . . .

IT GERDIN FALT.

le BIDRIUW.

In Sneuntojoun by de smid.

It toaniel is de wenkeamer fen baes Jabik, smid to Jouwergea; min sjocht in tafel, mei thêgoed 'r op en stoellen der omhinne; in sekreteare, in spegel en in klok; it is jountyd.

Berber, baes syn wiif, sit by de tafel en wachtet baes mei de koffy; syn stoel, in greate briedstoel, stiet al ré; yn 'e flerte heart min baes noch op 't oanbyld slaen: sa wirdt it girdyn ophelle.

Berber.

Hea noch ta, hwet bliuwt Jabik joun lang yn 'e smidte; hy het fêst in kerwei ûnder hânnen, dêr hy net bêst by wei kin; oars hâldt 'r altyd jouns om saun ûre op en nou haw ik him al twa kear roppen en nôch komt 'r net; kom, ik mei yet wol ris roppe . . . (*Hja giet oerein en ropt oan de smidte-doar.*) Jabik! it is al lang oer saunen, hear, komme jou hast yn 'e hûs? ik haw de koffy brûn!

Baes Jabik, (*ropt uerom, sûnder op 't toaniel to kommen.*)

Ei ja ju! dat ropt de hieltyd, ik seil wol komme as ik myn nacht ha!

Berber, (*hja komt wer by de doar wei en seit, mei in sucht:*)

Och sei! hwet is 't raer, hwet scoed 'r dôchs oan skele; de hiele dei sjocht Jabik sa swart en seit hast gjin wird

en nou ik him sa frjeunlik noadsje om yn 'e hûs to kommen, snaut 'r my noch ou op 'e heap ta; dat bin ik net fen him wend. Scoed 'r ek ris hwet heard hawwe oer dy frijerije fen ús Feikje mei Gjaltboer syn soan? . . . (*Hja nimt hjar breidsjen op en giet wer sitten.*) Mar né, dat kin 'r ek net witte, hwent frijerij kin it hast noch net ienris hjitte, howol ik al lang witten ha, dat Rjuerd in goed each op ús Feikje het. Hja hawwe enoar by tafâl mette by Jochem en Tetsje en do het 'r hjar thús brocht en hjar frege, as 'r wol ris by hjar komme mocht, en dat het hja net ouslein; hja het it my dalik forteld en dat is yn hjar to priisjen. Ik hie it Jabik wol sizze kinnen, mar ik tochte sa: manlju moatte ek yn ienen alles net witte; as Rjuerd komt, den seil Jabik it wol sjean en der ek net tsjin wêze, hwent Rjuerd is in bêste feint en der binne by syn heit ek wol moppen, sa 't er sein wirdt, en dat scoe ús wol passe; hwent om Feikje in goede útset to jaen, dat kinne wy net dwaen. Jabik het wol drok wirk, mar yn disse efterút geande tiden wirdt it wirk sa sljucht bitelle, dat 'r, bûten 't heechst nedige, oars neat oersjit. Ien ding is 'r, dat Jabik wol ris tsjin stean kin. Jabik is liberael, howol 'r der altyd net rjucht foar útkomt, hwent dat kin foar in handwerksman net lije, omdat 'r nin frij man is; en boer Gjalt is orthodox en in earste bihâldsman; dat koe mei'noar wol ris forkeard jean spinne. Ik haw oars altyd tocht, dat orthodoxe ljeafde en liberale ljeafde, frij wol it selde wier, as de ljeafde mar echt is; en ek, dat liberale en orthodoxe moppen wol by 'noar passe, as 'r mar gjin fâlske munt ûnder is, mar it liket wol, dat froulju dêr it rjuchte forstân net fen hadde; hja komme dêryn by de hearen fen 'e skeppinge efteroan. 't Is dêrom ek mar goed, dat hja gjin stimrjucht hadde, hwent as hja dat hiene, dan stimde grif mannich faem hjar frijer en mannich trouw wiif hjar egen man. (*'t Is ûnderwiles*

yn 'e smidte stil wurden ; baes komt nou yn 'e keamer, yn 't ûnderbacitsje mei it skoartsfel foar en mei in tige smoarge holle en hannen, hwêrtroch 'r nôch swarter liket to sjaen as oars : hy giet yn 'e briedstoel sitten en seit neat.)

Berber, (hja hâldt hjar earst ek stil en sjucht Jabik to mûk oan ; hja sjocht wol, dat him de prûk net goed stiet, mar einliks weaget hja dôchs, sa frjeunlik mûlk, to sizzen, wylst hja ris ynjit :)

Kom, binne jou dêr ? habbe jo it wirk dôch ris dellein ? dêr bin ik bliid om ; ik bin wol ris bang, dat jou jo noch alhiel forarbeidsje seille ; jou wirde ek al in dei âlder ; as it sa drok is, den naem ik, as ik yn jou plak wier, 'r in tiid lang noch in help by, dy binne 'r tsjinwirdich wol to krijen.

Baes Jabik, (tige snausk.)

Hwet seistou ! 'r in help by nimme, mienste dat ik gek bin ? Ik stjûr ljeaver de feint dy wy habbe ek noch wei, om 'r den allinne tsjin oan te eseljen ; ik moat dôchs yn 't wirk myn wille sykje, yn 'e hûs kin ik it net mear fine

Berber, (tige goedlik.)

Ho sa wer, haw ik it nou sa by jou fordoan, dat jo gjin wille mear by my habbe kinne ? Hwet skeelt 'r hjoed dôchs oan ; jou sjogge de hiele dei sa swart, is 'r eat dat ik better meitsje kin ? siz it my den, ik wol ommers sa graech alles jou nei 't sin dwean.

Baes Jabik.

Fordoan en net fordoan, jou habbe my rjuchtstreeks gjin kwea dien, mar it is my sa heislik yn 'e wei, dat it memme-each net better oer ús ienichst bern wekket.

Berber.

Hie ik it net tocht ? ik wier 'r al bang foar, dat 'r soks hwet geande wier.

Baes Jabik.

Ei! wieren jo dêr al bang foar; den wite jou 'r wol fen, dat ús Feikje, jouns let, mei feinten omslacht? Nou wirdt it wrichtich noch folle málder; den seil 't ek noch sa wol útkomme, tink ik, dat mem hjar dêryn bihelpsum is. Berber! Berber! dat hie ik nea fen jou tinke kind. Binne jou nou troch Gjalt syn jild sa forblinde, dat jo dêr de eare en goede namme fen ús Feikje foar oer ha? Tink ris om myn sizzen: as dy soan fen Gjalt syn nocht fen Feikje ôf het, den lit 'r hjar yn ûnk en lijen efter en ús mei hjar, hwent it is dy rike lju's bern net yn wierheid om ús bern to dwaen; hja brûke hjar, to mûk, as in stik boartisgoed en smite it wer wei as hja hjar nocht 'r ôf hadde. Ik wit nou hwet my to dwaen stiet . . . hwêr is Feikje . . . as mem net better op hjar past, den moat heit wol op hjar tasjean.

Berber.

Feikje is efkes om in boadskip, hja bringt in jurkje nei Rommerts Sibbel ta, foar hjar famke; dy is nedich nei skoalle, mar kin net om hjar klean en nou hadde de leden fen Folksûnderwiis dêr goed foar sein. Hja het nôch ien ûnder hannen foar Oebele Tryn's famke, dat moat ek noch foar Moandei ré.

Baes Jabik.

Den is hja al wer op 'e fiter! Hie ik dat ynsjoen, dat soks út dat folksûnderwiis foart komme scoe, den hie ik dêr myn bêst net sa folle foar dien. It stie my sa bare skoan oan, dat Feikje hjar tsjinsten ek oan folksûnderwiis oan bea, hwent ik tochte, dat komt út hjar goed herte foart; nea hie ik tinke kinnen, dat it mar wier om in doekje foar 't blieden to hawwen foar dy jachtery. As hja thús komt, den seil ik hjar dêr oer sprekke, dêr kinne jou op oan.

Berber.

Den is it foar ús allegearre better, dat hja mar net thús

komt, hwent den bliuwe wy foar in bulte ûnrêst biwarre en wirdt Feikje net ûnskildich bikibbe.

B a e s J a b i k.

Wolle jou den noch fol hâlde, dat Feikje ûnskildich is?

B e r b e r.

Bêste man! as hja skildich wier, den scoe ik it net weagje om hjar to fordiedigjen; ik scoe den sels hjar 'r al lang oer bikibbe ha, mar leau my, Jabik, Feikje het neat dien, dat gjin ljocht fordrage kin.

B a e s J a b i k.

Habbe jou den net heard, ho jisterjoun, by dy tsierdery fen dy beide klongels fen froulju, Rommerts Sibbel, oan Gabe Lys forwiet, dat hja in hûske fen hâldoan hie en dat ús Feikje dêr ek brûkme fen makke?

B e r b e r.

Ja, dat haw ik wol heard; it moeit my, dat dat bard is, hwent howol ik foar wier wit, dat it leugens binne, hwet hja seijen, en neat oars as rabberij, wirdt 'r dôchs troch dizze en jinge al licht hwet fen leaud, to mear, omdat hja de skyn wol hwet tsjin hjar het; hjar eigen heit ommers leaut 'r al oan; mar Jabik! tink eris efkes nei, is it wol goed om immen, allinne op praetsjes fen sokke melappen, fen kwea to fortinken en den noch wol yens eigen bern?

B a e s J a b i k, (*hwet bidrimmele.*)

Né, . . . ja, . . . né, hwet seil ik sizze, jou habbe dêr eigentlyk wol hwet gelyk oan, Berber; mar der is fêst dôchs hwet bard mei Feikje, ommers, jou sizze sels, dat hja de skyn tsjin het.

B e r b e r.

Dat is sa, dat haw ik sein en ik wol jou ek wol fortelle hwet 'r bard is; wy binne nou noch togearre thús; ik scoe sa graech hawwe wolle, dat jo fen tinzen foroaren, foar dat Feikje thús komt; ik kin it net habbe, dat hja ûnskildich lije moat.

B a e s J a b i k.

Mar Berber! jou wite wol ho folle ik fen dat fanke hâld en ho goed ik hjar bitrou; mar namminste searder docht it my, as ik kwea fen hjar hear of sjoch. Blykt it my nou, dat hja ûnskildich is, den is nimmen blider as ik en sil ik hjar fordiedigje, it mei kosje hwet it wol.

B e r b e r.

Dat tocht ik wol en nou seil ik jo sizze hwet 'r mei Feikje geande is, jou binne nou al hwet bikomd en jo meije, as ik útpraet bin, noch lilk op my wêze, op Feikje binne jo it den net mear, dat wit ik klear.

B a e s J a b i k.

En ik wit ek klear, as ik op myn bern net lilk mear hoech to wêzen, den noch sa folle to minder op hjar mem. (*Hy wol Berber oer 'e tafel hinne efkes beet krije.*)

B e r b e r, (*ûntwykt him.*)

Kom, kom! mar net flaeije, it kin noch wol foroarje; kom mar net oan my, hear, fij! jou binne sa swart as in skoarstien; jo masten jo earst wosken ha en forklaid; as wy strak cris in koffydrinker krije, den lykje jou sa raer . . . it is ek Snjeuntojoun.

B a e s J a b i k.

In koffydrinker? miene jo der in frijer mei foar ús Feikje? . . . dat het gjin need, hja jout ommers alle feinten blau, sa dat nimmen him mear oan hjar weagje doar; en nou 'r sokke rare praetsjes geane, seil ek gjin fetsoenlik feint mear mei hjar wolle.

B e r b e r.

Dat koe jou wol ris hwet mei falle; ien wit ik to minsten, dy it hird om hjar to dwaen is en dy mei hja ek wol lije.

B a e s J a b i k, (*forheftich.*)

En dêr habbe jou my neat fen sein? dat is net moai fen jo Berber!

Berber, (*gekjeiend.*)

Sjoch nou ris, der wirdt dat mantsje hast al wer likk . . . pas op feint . . . astou likk wirdste, den wird ik it ek, hear! . . . en den seille wy eris sjean, hwa hjir baes wêze seil.

Baes Japik, (*hwet ûngedildich.*)

Ei nou, Berber! siz my nou den ek alles; jou witte 'r de hieltyd om hinne to draeijen, mar mei dat al wird ik neat wiisder, jou komme nea op it plak der wy wêze moatte; bin ik den sa'n bytsje yn bitrou?

Berber.

Né, jou binne in hiele bulte yn bitrou en as jo 't nou graech witte wolle, den seil ik 't jo mar sizze: 't kin wêze dat Gjaltboer's Rjuerd hjir joun komt.

Baes Japik, (*springt forheftich oerein.*)

Om mei Feikje to frijen?

Berber.

Om jou to freegjen as 'r wol by Feikje komme mei.

Baes Jabik.

En wisten jou dêr fen?

Berber.

Ja en dat moast ik jou sein ha, dêryn haw ik net goed dien, mar ik koe der hast net ta komme, omdat ik sels net rjucht wit, hwet ik 'r fen tinke moat.

Baes Jabik.

Den is 'r dôchs hwet fen oan mei Feikje en Rjuerd?

Berber.

Foar sa fier, ja, . . . ek het Rjuerd by tafâl eris efkes by Feikje wêst, by Jochem en Tet. Feikje is altyd tige great wêst mei Tet en is dat nôch; hja giet dêr wol gau ris hinne, foaral tsjinswirdich, nou Tet hjar famke sa siik is. Sa trof it okkerjouns, dat Feikje dêr kaem en Rjuerd dêr ek wier; Jochem het twa skiep fen Rjuerd to healle

en do wier Rjuerd dêr to rekkenjen. Rjuerd liket jimmer in goed each op Feikje to hawwen, to minsten hy het hjar dy joune thús brocht en hjar frege as 'r wol ris by hjar komme mocht en dat het hja net ouslein; hja het my dalik alles sein en dêr is nou de hiele skiednis.

B a e s J a b i k.

En is 'r oars neat foarfallen?

B e r b e r.

Nou . . . hja habbe dy joune mûlk wol efkes mei'noar frijd, mar dêrfoar binne hja ek jong; do wy jong wieren, wieren wy ek neat better, oars wol? . . . mar fen omjachtsjen, dêr is neat fen wier, Jabik! dêr kinne jou grif op oan.

B a e s J a b i k.

Dêr bin ik bliid om, dat is to sizzen: ik bin 'r bliid om, dat Feikje hjar eare net to grabbel smyt; mar hwet dy frijerij oangiet mei Feikje en Rjuerd, dat liket my net goed ta.

B e r b e r.

Hwêrom net, Jabik?

B a e s J a b i k.

Foarearst net, omdat dy rike en skynhillige Gjalt it nea tastean seil, dat syn soan boasket mei de dochter fen in earne en liberale smid; en oard net, omdat in earlike smid nea de nekke kromje seil foar in gjirrige boer.

B e r b e r.

Mar hear ris, Jabik, it is ek dalik net oan boaskjen ta?

B a e s J a b i k.

As jou tinke, dat hjar frijerij dêr net op útrinne seil, den is it folle better, dat hja net mei'noar bigjinne; en tinke jou, dat it der al op útrinne kin, den is dat to minsten folle better. Ik wol oannimme, dat Rjuerd in bêste eabele feint is en dat 'r it goed mei Feikje mient, mar sa as ik niis sei: Gjalt seil nea yn hjar boask tastimme en den is it foar hjar beide folle better, dat dat fjûrke net oan

't barnen rekket; hwent is dat ienkear goed oan 'e gong, den is it net sa maklik wer út to krijen.

B e r b e r.

Ik wol dat net tsjin sprekke, Jabik, ik tink 'r sels ek sa oer en dêrom seach ik 'r ek sa tsjin oan om it jou to sizzen. Lykwol, ik bin bang, dat dat fjúrke al foar goed oan 't barnen is; it earste fonkje, howol ûnder de jiske bidobbe, het al jierren oan 't glûrkjen wêst. Jou witte, ho iens hja as skoalbern al mei'noar wieren en ho hja mei'noar boartsje koenen, as Rjuerd twisken skoft syn iten by úses opiet. Op letter jierren hienen hja net sa folle omgong mear mei'noar, mar dôchs koenen hja elkoar, as hja e'noar ris metten, ougriislik pleagje, as Rjuerd ris nei de fammen wêst hie, ef as Feikje eris in frijer krige; dy frijerij wier mei beide ornaris ek wer mei ienkear út; dat fonkje, dêr ik niis fen sei, wier nôch oan 't glûrkjen en dat is foar goed oprekkele, do Rjuerd forline winter ús Feikje, mei eigen libbensgefaer, út it iis, ef ljeaver, út dat wek helle het en nimmen oars dat oandoarste; ek dy sokses fen in feint net, dêr hja do mei út wier en dy syn skild it wier, dat Feikje der yn rekke. Sûnt dy tiid het Rjuerd nea wer nei oare fammen wêst en het Feikje alle feinten blau jown. Nou habbe hja elkoar wer mette, by Jochem en Tet en het Rjuerd Feikje thúsbrocht; dat fonkje, tink ik, is nou in ljochte laeije lôge wurden, to minsten, do ik Feikje de selde swierichheden foarhâlde dy 't jou meitsje, lei hja de holle foardel tsjin my oan en do hja wer opseach rôllen de triennen hjar oer 'e wangen en sei hja, snikkerjende, tsjin my: O, mem! hwet woe ik graech, dat Rjuerd net sa ryk wier.

B a e s J a b i k.

It is in malle boel, dat is mar net oars.

B e r b e r.

Jawol is it dat; it docht my ek sa heislik oan om Feikje;

ik woe hjar sa graech lokkich sjean en bin nou sa bang, dat dit hjar ûnk wirde seil, hwent de ljeafde het al to djippe woartels by hjar sketten; mar lit ús it bêste hoopje. (*Hja drinke beide eris út en Berber forfolget* :) Nou Jabik, nou witte jou alles; ik bin bliid, dat it 'r út is, hwent nou is 't my sels folle rûmmer; lit ús nou mei'noar oerlizze hwet it bêste is en dêrnei dwaen. Forklaei jo nou ek gau hwet, sa kinne jo net bliuwe, as Rjuerd hjir straks is; jou wolle him dôchs wol frjeunlik bihannelje, oars net? dat het 'r forline winter wol dûbeld oan ús fortsjinne, do 'r Feikje foar 'e dea biwarre het.

B a e s J a b i k, (*oandien*.)

Ja wis, Berber, ja wis wol ik dat en ek kin 'r myn tawird krije om by Feikje to kommen, mar ûnder ien bitinkst: it moat Gjaltboer ek like goed wêze as my, hwent nea seille hja sizze kinne, dat ik myn dochter forkeape ha; myn eigen namme is my dêr to goed foar en ús Feikje to goed en to eabel. (*óf*.)

B e r b e r, (*allinne*.)

Si soa, dy ûnwaersbui is wer oerdreaun; koe ik nou ek mar sa goed de stoarm biswearje, dy 't ús fen 'e side fen Gjalt to wachtsjen stiet, den gong Feikje in skoane takomst to mjitte; en hja fortsjinnet it, dat goede golle bern; mar it sprekward seit: dy de hjouwer fortsjinnet, dy kriget se altyd net en dat is wol in wier wird. Unk en lijen en earmoed is folle it diel fen 'e bêsten en mannichien kin nauwerneed, troch swier arbeidsjen, yn eigen libbensûnderhâld forsjean; en dêr stiet tsjin oer, dat it mannich rike skobbert jimmer foar de wyn giet en dy dêrby noch mei forachtinge op dy earne wrotters delsjocht. 't Seil mei Gjalt ek sa wol gean, tink ik; hy is altyd al in frjeamdsoartich man wêst, great yn syn eigen eagen en neat net ynskiklik; mar sûnt 'r sa fyn wurden is en troch de orthodoxen op 't kessen brocht, is 'r sa grutsk wurden, dat

'r bynei boarst en 'r is hast gjin dwaen mear mei him to hawwen. Jabik het it altyd by him bidoarn, dy mei 'r net sjean en dat komt oars nearne net troch, as dat Jabik it mei de liberalen hâldt en net meiwirkje wol om hjir in bisondere skoalle to krijen. Gjalt syn smeijen lykwol het 'r noch hâlden, mar dat komt, troch dat 'r mar ien smid yn 't doarp is, oars scoe dat wol ophâlde. Forline jier het Gjalt syn bêst al ris dien om hjir in oare smid hinne to lokjen, mar dy man fælde wol, dat Jabik yn Jouwergea de âldste brieven hie en dat 'r fen ien of twa skynhillige boeren net libje koe. Ho it nou ris gean seil, dat seil my ris nij dwaen, mar it liket my tsjuster ta; o, o! dy bêste Feikje, dat ljeave goede bern.

Feikje, (*komt op; hja het de lêste
wirden fen hjar mem
heard.*)

Ho nou, mem! is 'r swierichheid?

Berber.

So Feikje! bistou der, biste al werom? Ja bern, ho scoed 'r gjin swierichheid wêze; it liket my sa slim foar dy ta; de frijerij mei Rjuerd, dêr kin neat fen komme, Gjaltboer seil it nea tastean.

Feikje.

Och, mem! dat kin wol ris hwet meifalle en is 'r der earst al hwet op tsjin, och, wy binne noch jong en kinne wol hwet wachtsje; as Gjaltboer sjocht, dat it mei Rjuerd tinken is, den seil 'r op 't lêst wol tajaen.

Berber.

Sa praetste nou noch, Feikje, de ljeafde leaut alle dingen, hopet alle dingen en bitrout alle dingen en dat is ek goed, hwent dat hâldt yen lang steande; mar as oan it wachtsjen gjin ein komt en de hope fordwynt, den is it o sa slim en hope is 'r foar dy hast net, hwent heit is 'r ek net foar, dat jimme forkearing mei noar ha.

Feikje, (*tige moeilik.*)

Och hea, mem! is heit 'r ek net foar, hwet kin heit op Rjuerd tsjin ha?

Baes Jabik, (*is ûnderwiles wer opkomd, skien en forklaid.*)

Heit het neat op Rjuerd tsjin, myn fanke, mar heit wit foarút wol, dat Gjalt net lije wol, dat Rjuerd by dy komt; en omdat ik letter net hearre wol, dat wy him hjir hinne lokke ha, om syn jild, mei 'r hjir net komme, sa lang as Gjalt gjin tawird jout.

Feikje, (*tige oandien.*)

O, heit! hwet is dat hird; is dat nou de tank 'r foar, dat Rjuerd my forline winter it libben rêdden het?

Berber.

Feikje, ljeave! sa moaste net tsjin heit prate, dou bigrypste heit net goed; heit het neat op Rjuerd tsjin; mar heit wol net hawwe, dat de lju ús eare to grabbel smite scille mei to sizzen, dat wy Rjuerd oanhâlde om syn jild.

Feikje.

Hwet kinn' my en hwet kinne jimme de praetsjes fen 'e lju skele, as wy sels mar in frij gewisse ha?

Baes Jabik.

Mar Feikje, wy moatte ús ommers ek wachtsje foar de skyn fen 't kwea.

Feikje.

Dat is goed, mar moat dêrom ús lok forskopt wirde en kin min dat wol altyd fol hâlde? De lju, dy rabje wolle, sûge dôchs út alle dingen kwea, dêr kin min yen net foar hoedsje. Ho is it gien do ik okkerjouns Rjuerd by tafâl mette en hy my thúsbrocht het; hadde de lju do ek al net sein, dat ik jouns mei manlju omslingere?

Baes Jabik.

Mar do wier de skyn ek wol hwet tsjin dy.

Feikje, (*snibbich.*)

Ei ja! hwêrom net; en hwêrom scoenen de lju 'r net oer prate meije, as sels myn eigen âlden oan my twivelje kinne. Ik wol Rjuerd net blau jaen en hy sjocht fen my ek net ôf, dat stiet fêst; wol heit net ha, dat 'r by my komt, den scille wy elkoar op oare plakken wol fine, de ljue rabje nou dôchs al oer ús. (*Hja bigjint to skriemen.*)

Berber.

Fij, Feikje! sokke rare praetsjes, dy komme dy letter to moeijen, fanke! heit en mem binne ommers net sokke dwarsdriuwers, oars wol? (*Feikje bigjint ho langer sa mear to snikkerjen en Berber forfolget.*) Sjoch eris! dou makkest dy alhiel oerstjûr, dat kin sa net; gean hwet nei de oare keamer en drink hwet kâld wetter, den seil it wol hwet bicomme; as Rjuerd strak komt den moaste hwet blierder sjean.

Feikje, (*wiles hja opstiet.*)

Ik hoopje mar, dat 'r net komt, en as 'r komt, siz den mar, dat ik pine yn 'e holle ha en dat ik siik bin en dat 'r mar wer foart gean moat. (*ôf.*)

Baes Jabik.

Och sei! hwet is 't in rare boel.

Berber.

Jawol is it dat, ik bin myn rie hast ten ein; hwet scille wy nou sizze, as Rjuerd komt? . . . scoe it mar net it bêste wêze, dat jou tawird, jouwe?

Baes Jabik.

Mar Berber! dat kin ommers nea, . . . ús goede namme . . .

Berber.

Och hwet! ús goede namme . . . moat it lok fen ús bern ús net mear wirdich wêze as ús goede namme?

Baes Jabik.

Mar Gjalt seil nea tawird jaen en is it den net folle better, dat hja dalik mei'noar ophâlde.

Berber.

Hear ris, Jabik! jou fiele like goed as ik, dat it foar de rêst fen ús bern al to let is om it to kearen en hwet Gjaltboer oangiet, jou witte net hwet 'r mûlk barre kin, om him ta oare tinzen to bringen.

Baes Jabik.

Mar wy kinne it lok fen ús bern dôchs net fen inkel tafâl ôf hingje litte.

Berber.

Mar ek likemin it lok fen ús bern weismite, om sa'n gjirrige styfkop as Gjalt is.

Baes Jabik, (*noartsk.*)

Nou, den moasttou it mar witte.

Berber.

Né, wy moatte it mei'noar witte en mei'noar oerlizze; wy hoege dêrom net lik op 'noar to wurden; 't is my like folle tsjin 't boarst as jou, dat it sa rint; mar ik koe ek like min as jou ynsjean, dat it sa rinne scoe; mar dat docht nou neat mear oan de saek ôf ef ta, dat is mar nei-praten; wy moatte nou mei de omstannichheden to riede gean en dêrfen it bêste sykje. Nou liket it my, foar de rêst fen Feikje, it bêste ta, dat wy mar tawird jouwe, hwent dogge wy dat net, den bin ik net sûnder angstme foar hjar.

Baes Jabik.

En binne jou dat wol, as wy al tawird jouwe, tinke jo foar fêst, dat den hjar lok festige is?

Berber.

O né, Jabik! dat lang net; ik leau like min as jou, dat Gjaltboer it lije wol, mar sa as ik niis al sei, min wit net hwet 'r mûlk eris barre kin en bûtên dat, Rjuerd wirdt ienkear mearderjierrich, den is 'r syn eigen baes en as hja it elkoar goed miene, den kinne hja ek sa lang wol wachtsje.

Baes Jabik.

Ja, dat is sa, mar den is it ek mûlk, dat Gjalt him ont-

makket hwet 'r fen rjuchtswei kin en dat scoe wrachtich net aerdich wêze.

B e r b e r.

Dêr habbe jou gelyk oan, mar lit it jild 'r nou ris bûten bliuwe, it jild allinne makket ommers gjin lokkige houliken en leau mar wis, dat Feikje Rjuerd ek like ljeaf ha scoe, as 'r gjin jild hie en sa mûlk nôch ljeaver.

B a e s J a b i k.

Dat mei yn theory moai lykje . . . ik leau lykwol, dat it yn 'e praktyk net opgiet.

B e r b e r, (*laeitsjende*.)

Wol, wol, Jabik! hwêr helje jou dy stêdshûswirde wei, ik leau wrachtich, dat jou noch wol lid fen 'e rie wirde koenen, as jo mar hwet mear jild hiene.

B a e s J a b i k.

Hear ris, Berber, om ús sels bigear ik gjin mear jild, wy habbe ús Godtank altyd rêdden en scille ús hoopje 'k ek wol fierder rêdde; om lid fen 'e rie to wirde, hoech ik ek gjin mear, mar om it lok fen ús bern, scoe ik wol graech hwet mear habbe wolle; hwent tink eris ta: as Rjuerd eris neaken en bleat 'r út komt, hwêr scille Feikje en hy den wei bigjinne.

B e r b e r.

En hwêr binne wy den wei bigoun, hienen wy sa'n great kaptael, do wy trouden?

B a e s J a b i k.

Ja, nou, dat is ek sa, mar alle froulju binne ek net sokke goede hûshâldsters as jou, memke!

B e r b e r, (*goedlik*.)

En alle manljue kinne de flesse ek sa goed net stean litte as jou, heit!

B a e s J a b i k.

Mar dat is ek troch jou kommen, wyfke, jou ha my dat leard.

Berber.

Och! ik ha der neat gjin droktme fen hawn, mar dat is nou dêr oan ta . . . leau mar frij, dat Feikje ek wol in bêste hûshâldster wêze seil en Rjuerd giet ommers ek foar in tige oppassende feint. En bûten dat, hja hoege ek net alhiel fen 'e miet ôf to begjinnen; Gjalt kin Rjuerd nea alles ontmeitsje en wy kinne ús bern ek noch wol hwet meijaen.

Ba e s J a b i k, (*laeitsjende.*)

Ha, ha, ha! wy ús bern hwet mei jaen, ja, in goede rie en mûlk kin ik ris in kachel foar hjar meitsje en in turf-bak en in tange en mear sokke spillen; mar jild ha wy ommers net, mem; ef hadde jou noch in sparpôtsje efterút?

Berber, (*flaeijende.*)

Hear ris, heit! ik wol jo noch wol ris hwet sizze, mar scoene jou den ek likk op my wirde kinne?

Ba e s J a b i k.

Né, nea mem! ik wird nea wer likk op jou.

Berber.

Nou den, (*hja giet nei de sekreteare, kriget der in boekje út, jout dat Jabik oer en seit :*) sjoeh dêr den earst ris yn.

Ba e s J a b i k, (*mei forwûndering.*)

Mar dat is ommers in sparbankboekje op Feikje hjar namme! en hwet stiet dêr al in greате somme yn, ho binne jou dêroan komd?

Berber.

Och, jou wite wol, . . . jo wirde net likk in 't wier? . . . jou wite wol, dat jo it earste jier nei ús trouwen alle dagen twa slokjes krigene; dat hindere my wol hwet, mar ik doarst 'r neat fen sizze; ik wier bang, dat jou dat net goed opnimme scoene en ik hie jo to ljeaf om jo likk to meitsjen; ek tocht ik: Jabik swit altyd sa fen dat swiere wirk, mûlk is sa'n slokje ek wol goed foar him. Mar do ús Feikje berne waerd en jou der sa tige bliid mei wieren en my

alderhande ljeave nammen joechen, do tocht ik : nou is it tiid om ris by Jabik oan to klopjen. Jou wite noch wol, dat ik do tsjin jo sei : ja feint, dou biste nou al tige bliid, mar tinkste 'r wol om, dat dat fanke ús ek jild kostje seil? Jou anderen der do op : dat is net oars, memke, dêr it iene wei komt, dêr seil ek it oare wol wei komme, en kinne jo oars net útkomme, den moat ik mar hwet minder hawwe. Jou minder hawwe? ... ik wer... mar jou moatte omers dôchs jo liif fol iten en drinken ha en dy twa slokjes alle dagen kinne jo ek, by dat swiere wirk, net bêst misse. O, Jabik! ik trille 'r fen do dat 'r út wier, sa bang wier ik, dat jo my dat kwea ôfnimme scoene en sa ús âlderbliidskip yn ienen fortribele wirde scoe; mar Gôdtank, it gong goed. Ik seach wol, dat jo hwet ynbannich waerden, mar jou bliuwen tsjin my like ljeaf en goed as eren en sont dy tiid habbe jo nea wer oan 'e flesse wêst. Dat, myn Jabik, bisparre ús alle dagen in dûbeltsje en dy dûbeltsjes haw ik tweintich jier lang alle dagen opgarre en yn 'e sparbank brocht. Dat joech alle jieren seis-en-tritich goune en fyftich einten en dat mei de rinte dêr by, is yn tweintich jier in aerdich somke wurden. Nou, hwet sizze jou dêr nou fen?

B a e s J a b i k, (*tige oandien, kriget
Berber by de hân,
pattet dy en seit:*)

Datstou in alderljeafste, bêste Berber biste en dat ik my yn alles nei dyn ynsjean skikke seil; ek yn de frijerij fen Rjuerd en Feikje.

IT GERDYN FALT.

2e BIDRIUW.

Smids Feikje.

It toaniel is de selde wenkeamer fen Baes Jabik; it is Sneintomoarn.

Smids Feikje sit allinne, alhiel forsutere, yn hjar moarnsklean by de tafel to naeijen oan in jurkje. Sa wirdt it gerdyn ophelle.

Feikje, (*mei in sucht.*)

Och sei! hwet fiel ik my nuwer, hwet is de holle my raer; ik tochte yn myn wirk hwet oflieding to finen, mar dat wol ek net flotsje; nou, it is ek Snein, den mei min ek net arbeidsje; ik woe oars dat famke fen Oebele en Tryn moarn sa graech nei skoalle ha en den moat earst dit jurkje ré wêze, ik haw dat de hearen fen folksûnderwiis ek onthjitten. Mar nou kin ik net mear, de holle is my sa frjeamd, ik moat joun by de lampe mar ris sjean hwet ik kin; it is ek gau foart oudien. (*Hja leit it naeijen oan 'e kant, giet oerein en seit:*) Kom, ik seil de koffy mar ré meitsje; mem seil wol hast út 'e tsjerke komme en den seil heit ek wol thús wêze; ik leau dat dy efkes om in boadskip gien is, mar hwêr hinne wit ik net. (*Hja jît wetter yn 'e koffykanne, mar forjit om 'r koffy en sûkery by to dwaen, hja seit ûnderwiles:*) Hwet moeit it my, dat ik myn bêste âlden jisterjoun sa'n raer biskie jown ha, dat hadde hja net oan my fortsjinne; mar o! it falt sa swier, as min dreamt fen in himmel fol lok en min den sa yn ienen wer yn dit skrille libben torêch fierd wirdt. (*De koffy stiet ré en hja giet wer sitten.*) Hwet seil Rjuerd it

jisterjoune ek binaud hawn ha, do Gjalt him forbea om nei my ta to gean. It is 'r der bird troch skûrd, dat kin ik wol tinke, oars hie 'r my dit briefke net skreaun, (*hja hellet in briefke to foarskyn*) dat Gjalt him drige hie mei ûntervjen, as er syn sinnen net fen my ôfsette. Endôchs wol 'r net fen my ôfsjean, skriuwt er, omdat 'r bûten my net lokkich wurde kin; ljeaver wol 'r oars alles forlieze, as my misse. Hy hâldt den wol in bulte fen my, en o! dat docht my sa'n goed; ik woe ek wol foar him troch it fjûr riune. Mar mei ik wol fen him oannimme, dat 'r him sels om my yn earmoed jout en mei swier arbeidsjen de kost winne moat? Scoe ik him dat lijen troch myn ljeafde wol forgoedsje kinne? O! it is leau 'k better, dat ik om him myn eigen lok farre lit. It seil my o! sa swier falle om fen Rjuerd ôf to sjean, om iensum en forlitten myn libbenswei fierder to biwandeljen, mar ik moat den myn treast mar sykje, earst en 't meast yn de ljeafde fen myn bêste âlden, sa lang as dy noch foar my sparre wurde, en oard yn it woldwaen oan oaren. Dêr stiet biskreaun: de ljeafde formei alle dingen; as dat wier is, den moat Rjuerd syn lok by my boppe alles gean, oars haw ik him net yn wierheid ljeaf. Hy freget my om briefwixeling mei'noar to hâlden en dy elkoar bisoargje to litten troch Jochems Tetsje, dy 't my dit briefke ek brocht het; nou, ik seil him dêrop anderje en in briefke foar him by Tetsje bringe, hwêryn ik him syn wird werom jouw. Ik seil him skriuwe, dat 'r om my net earm wurde mei, dat ik dat net oer myn herte bringe kin . . . dat 'r bûten my mûlk noch wol greater lok foar him weilein is . . . en dat 'r dêrom mar dwaen mout, hwet syn heit fen him easket . . . En den, (*hja bigjint to skriemen*) oan 't ein fen 'e brief . . . seil ik skriuwe . . . dat ik de Himmelheit . . . bidde seil . . . foar him om lok en seine . . . en foar my sels . . . om kreft . . . to krijen . . . nei krús . . . en den op 't lêst

. . . seil ik him sizze . . . dat ik him . . . iwich . . .
 iwich . . . ljeaf . . . hadde . . . seil . . . en nimmen . . .
 oars . . . as him! . . . (*hja boarst yn snikkerjen út, docht
 de skeldoek foar de eagen en leit de holle foardel op 'e tafel;
 nou is 'r earst in amerij stiltme, mar koart dêrop bigjint
 yn 'e fierte it oargel to spyljen de wize fen Psalm 133 en
 it tsjerkefolk to sjongen:*

Waar liefde woont, gebiedt de Heer den zegen;
 Daar woont Hij zelf, daar wordt Zijn heil verkregen,
 En 't leven tot in eeuwigheid. (*)

(*Feikje bliuwt earst noch hweret mei de holle op 'e tafel
 lizzen, mar stekt dy dêrnei sûntsjes wei omhegen, faget
 de triennen wei en lústert; nou hâldt it spyljen en it
 sjongen op, hwêrnei hja seit:)* Dat wier it lêste sjongen
 fen it tsjerkefolk; o! ho moai klonk dat, mar tagelyk ek, ho
 wreed. Hwêr ljeafde wennet, dêr gebiedt de Hear syn
 seine . . . ja, sa meije hja sjonge, dy de ljeafde, dy 't hja
 yn hjar herte ha, frij en ûnbilimmere úterje meije; mar
 ljeafde, oprjuchte ljeafde to hawwen, in ljeafde, sterker as
 de dea en dy smoarre to moatten . . . o! den kin min sa
 net sjonge, mar den riist yn yen's binnenste op it kleiliet:
 (*hja sjongt*):

WIZE: *De Slaaf.*

Hear myn suchtsjen, hear myn kleijen,
 Minskefrjeun! och, sjoch myn trien;
 Mei myn ljeafste net to meijen,
 Weacht op 't hert my as in stien.
 Himmelheit! och, sjoch myn leed;
 Help my dôchs út dizze need;
 Hear myn suchtsjen, hear myn kleijen,
 Help my dôchs út dizze need.

(*) Dit spyljen en sjongen wirdt efter de skermen dien.

't Ljeafdefjûr fortaert myn herte,
 Neat, dat dat forkoelje kin;
 't Libben wirdt m' in sé fen smerte,
 't Stjerren wier foar my gewin.
 Himmelheit! hear myn geklei,
 Nim my út dit libben wei;
 't Ljeafdefjûr fortaert myn herte . . .
 Nim my út dit libben wei.

(Hja leit de holle wer foaroer op 'e tafel en sa komt Berber op; hja komt thús út 'e tsjerke, mei de Sneinseklean oan; hja sjocht frjeamd op, dat Feikje mei de holle op 'e tafel leit en noch neat yn 'e keamer oprêdden het.)

B e r b e r.

Moarn Feikje? . . . mar ho nou fanke! hwêrom leiste sa mei de holle op 'e tafel, biste net goed, hwet skeelt 'r oan? it stiet 'r hjir ek allegearre noch like bryk foar, de keamer is noch net oprêdden en dou biste ek noch net forklaid; jonge! jonge, hwet is dat raer; as ik dat witten hie, den hie ik net nei tsjerke gien; as wy nou eris koffydrinkers krije, den binne wy ommers dea forlegen; hwet skeelt 'r dôchs oan, het dy frijerij dy nou sa yn 'e maling nomd, datstou net ienris mear wiste hwetste dochste? fij! fij! dat is men oars net fen dy wend.

F e i k j e, *(steckt de holle op.)*

Och, mem! de holle is my sa raer, och! kibje nou net op my; it wirk is noch net dien, dat wit ik wol, mar de koffy is ré en it hûs is gau hwet oanfage.

B e r b e r, *(hja set it hoedsje ôf en siket feger en blikje.)*

Mar dat moat ik nou dwaen en dêr haw ik oars út 'e tsjerke wei gjin nocht oan.

F e i k j e, *(giet oerein.)*

Né! ik seil 't wol dwaen, mem moat mar sitten gean.

B e r b e r.

Ei fanke! ho komste der by, dou moaste mar gau nei efteren gean en dy waskje en forklaeije; as hjir sa immen yn kaem, dy scoe tinke, datste net goed by dyn sinnen wierste, sa raer hinget it hier dy om 'e holle.

F e i k j e, (*mei in wylde laeits, wylst
hja it jurkje, hwêr hja oan
naeide, yn 'e hoeke fen 'e
keamer smyt* :)

Ha! ha!! ha!!! ik net goed by myn sinnen, dat moat 'r nou noch by komme; jonge! dat is moai bitocht, ha! ha!! ha!!! den habbe de lju ek wer hwet to rabjen; hja roppe nou al: Smids Feikje is in greate melappe, lit hjar nou ek mar fortelle, dat ik gek bin; dat komt Gjalt tige by tige to pas; hwent it sprekt as in boek, om syn soon trouwe to litten mei immen dy earm is en noch gek op 'e heap ta, dêr kin neat fen komme; ha! ha!! ha!!! dat falt 'r moai foar him yn. (*Hja giet wylde laeitsjende ôf*.)

B e r b e r, (*allinne; troch it ûnge-
woane fen Feikje hjar
duraen alhiel forbûke, lit
hja fen kjelnte feger en
blikje op 'e groun falle*.)

Och sei! hwet scil ús nou oer komme? hwet is Feikje bjustere raer; ik sei it 'r sa mar los wei hinne, dat min hast tinke scoe, dat hja net goed mei de holle wier en nou liket it hast wol, dat it wier is; och! och! as ús dat oer 'e holle hinget, den binne wy djip ûngelokkich. (*Hja nimt feger en blikje wer op en bigjint to hûs-oanfeijen*.) Ik woe wol, dat Jabik mar thús wier, it wirdt my hjir sikerwier allinne to eang.

B a e s J a b i k, (*komt op*.)

Moarn Berber . . . ho is 't nou! binne jou noch sa yn 'e skrep?

Berber, (*hâldt efkes op mei feijen
en seit, mei triennen yn
'e eagen*):

Och ja, Jabik; it is nou sa'n rare boel, ik wit net, ik
wit net, mar it liket my nou sa tsjuster ta!

Baes Jabik.

Ho nou sa?

Berber.

Nou, it wit net . . . do ik út 'e tsjerke kaem, wier hjir
alles noch allyk yn 'e hûs, dêr wier neat oprêdden, de
keamer net ienris oanfage, de koffy wier al ré, mar it thé-
goed fen to moarne stie noch smoarch op 'e tafel en Feikje
siet 'r by, noch yn hjar moarnsklean en lei mei de holle
op 'e tafel.

Baes Jabik.

Och nou! jou moatte hjar tsjinwirdich hwet tajeane, hja
is oars nea sa, mar de holle mealt hjar nou hwet.

Berber.

Mar just, omdat hja oars nea sa is, bin ik nou sa bang.
(*Hja biggint wer to feijen.*)

Baes Jabik.

Och, kom! meitsje nou gjin swierichheid foar neat; hja
is jisterjoun toleursteld, troch dat Rjuerd net komd is en
nou het hja fen nacht mûlk net folle sliepen en binne
dêrtroch hjar senuwen in bytsje oerstjûr; lit hjar mar hwet
mei rêst, den scil dat wol gau hwet bicomme.

Berber, (*hâldt wer op mei feijen.*)

Ja, mar jou witte net ho raer hja hjar niis alsa oan-
stelde.

Baes Jabik.

Wier hja den lik?

Berber.

Né, lik just net, mar do ik 'r in lyts wirtsje fen sei,
dat alles noch allyk wier, is hja sa wyld bigoun to laeitsjen

en to skatterjen en hie dêrby sok frjeamd praet, dat ik 'r hast bang fen waerd.

B a e s J a b i k.

Ei nou! jou moasten ek net op hjar kibbe ha.

B e r b e r, (*tige moeilik.*)

Mar ik haw net op hjar kibbe, Jabik; ik haw allinne mar sein, dat hja hjar hwet forklaeije moast, ûnderwiles ik it hûs oanfage, omdat 'r ek wol ris in koffydrinker komme koe en it den sa raer like; haw ik dêr nou sa oan misdien?

B a e s J a b i k.

Wol né, mar sa mien ik it ek net; kom oan, meitsje nou mar gau út 'e rûchte it wirk dien en gean den hwet by my sitten, den drinke wy hwet koffy en prate 'r net mear oer; lit Feikje mar hwet yn hjar eigen dwaen, den seil hja wol better wirde. (*Hy giet sitten en stekt de lange piip oan.*)

B e r b e r, (*hja het it hûs oanfeijen dien, berget feger en blikje wei, himmelt it thégoed gau hwet ôf en giet ek sitten; hja seil ynjitte, mar nou hja de krane fen 'e koffykanne omdraeit, komt der klear wetter út, ynpleats fen koffy; hja seit:*)

Sjoch my dat ris oan, Jabik! Feikje het sa wier gjin koffy en gjin sûkereij yn 'e kanne dien; it is sa 't liket allegearre by hjar yn 'e war.

B a e s J a b i k.

Nou, it is raer, ik wird sikerwier ek hast ûngerêst.

B e r b e r.

Ja, it is net goed mei hjar, dêr kinne jou grif op oan, mar ho seil 't nou, nou hadde wy gjin koffy en 't wetter is ek fen 'e kôk. Der stiet noch in tsjetteltsje fol fen jisterjoun, dat mei ik wol gau hwet opwaermje. (*Hja docht*

sa, mar nou hja oerein giet, om de koffykanne mei wetter wei to setten en it tsjetteltsje mei koffy to krijen, falt hjar each op Feikje hjar naeijen, dat noch yn 'e hoeke fen 'e keamer leit; hja kriget dat op om 't to bergjen en nou falt der it briefke út, dat Tetsje foar Rjuerd oan Feikje brocht het; hja nimt dat op yn de iene hân en giet nei de tafel, mei it koffytsjetteltsje yn de oare hân; hja set de koffy op 't fjûr en jout Jabik it briefke oer, hja seit dêrby :) Sjoch, hwet scoe dat wêze?

B a e s J a b i k, (*sjocht it briefke yn.*)

Dat is in briefke fen Rjuerd, dat het hja grif fen 'e moarn fen hem krige; hy skriuwt dêryn, dat Gjalt him forbean het, om nei hjar ta to gean en dat 'r him drige het mei ûntervjen as er net fen hjar ôf seach; nou witte wy yn ienen hwêr de knotte fêst sit.

B e r b e r.

Dat scoe 'k tinke; mar skriuwt Rjuerd nou ek hwet 'r fierder dwaen seil? ef sjocht 'r nou fen hjar ôf?

B a e s J a b i k.

Né, dat net; wol skriuwt 'r, dat 'r nou yn de earste tiid net by hjar komme kin; mar hy wol briefwixeling mei hjar hâlde en dy brieven elkoar bisoargje litte, troch Jochems Tetsje.

B e r b e r.

Den seil Tet dizze brief hjar ek wol brocht ha; mar ho scille wy nou mei dy brief?

B a e s J a b i k.

Dy moatte jou mar bergje en hâld jo den mar dea stil; freget Feikje dêr letter nei, ef tinke jou, dat hja dêrom siket, den kinne jou 'm hjar werjaen.

B e r b e r, (*hja nimt de brief wer fen Jabik oan en leit him yn 't tafelslaed.*)

Ik leau ek, dat dat it bêste is, (*mei wirdt 'r oan 'e doar roppen.*)

. Folk yn?

B e r b e r.

Hea, Jabik! dêr wirdt „folk” roppen en it is krekt, dat it Gjaltboer syn lûd is, hwet seil ús nou oerkomme?

B a e s J a b i k.

Wol! hwet scoe ús oerkomme, wy hawwe neat op ús lea, lit him mar ynkomme.

B e r b e r.

Ja wis! dat kin net oars; ik bin bliid, dat Feikje nei efteren is, as hja dêr nou sa lang mar bliuwt, dat Gjalt wer foart is. (*Hja giet nou nei de doar en seit:.*) Kom mar yn asjebljeft.

G j a l t, (*komt op.*)

Moarn jimme, binne jimme yet soun?

B e r b e r, (*hja jout Gjalt in stoel.*)

Moarn boer, ja, dat skikt wol, ho is 't mei jou ... gean sitten asjebljeft.

B a e s J a b i k, (*hwet noartsk.*)

Moarn Gjalt, hiene jou boadskip?

G j a l t, (*wylst hy sitten giet.*)

Nou baes, boadskip just net, mar dôchs woe ik jou wol efkes sprekke.

B a e s J a b i k.

O, so! dat is hwet oars, ik tochte, dat jou in nedich kerweike foar my hienen.

G j a l t.

Fij baes! ho komme jo dêr by en dat op Sneintomoarn?! 't Wier better, dat jou Sneins nei tsjerke gongen, lyk as jo wiif.

B a e s J a b i k.

Dat seil wol wier wêze, mar it kin somtyds ek wol ris net wier wêze; as ik in oar op Snein helpe kin, den doch ik dat.

G j a l t.

Wier is 't altyd. Gedenkt den Sabbath, dat gij dien heiligt; sa stiet 'r likernôch yn 'e skrift.

B a e s J a b i k.

Mar dat is ommers in gebod oan de Joden, dêr habbe wy net mei to meitsjen; ef wolle jou de Snjeun ek yn liddichheid troch bringe? Ik haw oan ien liddige dei yn 'e wike al enôch, hear.

B e r b e r, (*hja jout Jabik ûnder de tafel troch in skop en skodhollet him ta, hja seit:*)

Fij Jabik! sok raer praet; ho scoe Gjaltboer nou habbe wolle, dat de Snjeun ek as Snein brûkt wurde scoe, dat witte jou ommers ek wol better. (*tsjin Gjalt*) Wol ik de boer ek in kopke koffy ynjitte?

G j a l t.

Tank jou, Smidske; ik haw by Domeny's hwet koffy-dronken en ik haw ek net folle tiid, hwent ik moat, fensels, eftermiddei wer nei tsjerke.

B e r b e r.

Nou, ik doarst it jo ek hast net oanbiede; hwent ik moat mar sizze, ús koffy is net hiel lekker; wy hienen jisterjoun hwet oerhâlden en dy haw ik nou hwet opwaarme en den is it bêste der ôf.

G j a l t.

Och! dat wier oars net sa slim; min kin ek wol tinke, dat it sokke lju as jimme net barre mei, om jimmer mar wer nij op to skeppen; as alle earne minsken 'r sa oer tochten, dat de stealtjes ek brûkt wurde moatte, den wier 'r lang sa folle earmoed net.

B a e s J a b i k, (*tige noartsk.*)

Hwet wolle jou dêr mei sizze, Gjalt! en hwêroer woene jo nou eigentlyk mei my prate! Earst habbe jou my al oer 'e hikkel helle, omdat ik net nei tsjerke wêst ha en nou wolle jo ús sa hiel leech lizze, troch ús sa glûpende wei fiele to litten, dat wy mar earne minsken binne; hwet habbe jo dêrmei yn 't sin?

G j a l t.

Och neat, it komt nou sa to praet oer 'e koffy en dêryn foun ik oanlieding om 'r op to wizen ho nuttich as 't is, dat in earm minske kloek en sunich is en tofreden mei it jinge de Heare him yn syn stân takomme lit. It is ek net allinne yn 't iten en drinken, hwêryn men yen somtyds to bûten giet; as in earme lju's bern, in rike lju's bern mei frijerij oan 't lyntsje siket to krijen, dat is nôch folle slimmer.

B a e s J a b i k.

Jou masten dêr nou noch by sizze: lyk as jimme Feikje ús Rjuerd siket to fangen, hwent dat miene jo dôchs.

G j a l t.

Den witte jimme 'r wol fen, dat jimme fanke it sa op Rjuerd forsjoen het en jimme geane dat net tsjin?

B e r b e r.

Wy wisten, dat jou soan jisterjoun by Feikje komme scoe, mar hy is 'r net wêst.

G j a l t.

Den witte jimme ek wol, dat hja jouns wol mei'noar omslengerje?

B e r b e r.

Wy witte wol, dat hja elkoar okkerjouns by tafâl mette ha en dat Rjuerd Feikje do thús brocht het; as de lju dat nou mei'noar omslengerjen neame wolle, dat moatte hja witte; en as jou dat leauwe wolle, dat moatte jou witte; wy witte lykwol, dat it net wier is.

G j a l t.

Nou, wier ef net wier, dat kin my neat male, mar hja habbe dôchs by 'noar wêst en as ik it jisterjoun net keard hie, den hie Rjuerd al wer by hjar kommen en dat hjir wol oan hûs! . . . Jimme lykje hjar wol yn dat forkearde to stypjen en dat wol ik net langer duldsje. As jimme net oppasse, dat hja by 'noar wei bliuwe, den wird ik needsake om hwet to dwaen, dat ik oars net ljeafst wol.

B a e s J a b i k.

En hwet is dat den ?

G j a l t.

Den moat ik jou it wirk onthâlde.

B a e s J a b i k, (*tige lilik.*)

Flean dou den mei dyn wirk, foar myn part, wy scille ús bûten dy ek wol rêdde.

B e r b e r.

Net sa lilik wirde, Jabik! . . . fij! bidaerje jou hwet, dat giet sa al to mâl.

B a e s J a b i k.

Nou, hwet mient dy kearel den! hadde jou Feikje net faker nôch oanredt, om fen Rjuerd ôf to sjean en kinne wy it helpe, dat 'r hjar wer opsiket? As Rjuerd net better wier as syn heit, den scoe ik it mei alle gewelt keare, as hie 'r den ek hûnderttûzen goune mear as nou, hwent den wier ús Feikje fiersten to goed foar him; mar ik haw neat op dy jongkearel tsjin en lit dêrom dy gjirrige aep sels op syn soan passe, as hy it net lije wol dat 'r hjir komt.

B e r b e r.

O, Jabik! myn goede man, bidaerje jou dôchs, och! meitsje jou net sa lilik en jo moatte ek net sokke rare wurden tsjin de boer sizze.

G j a l t.

Och, smidske! lit him mar bigean; ik kin, nei it foarbyld fen 'e Heare, eigen leed en fordrikkinge duldse en fordrage; mar ik mei it net tastean, dat myn soan him forslingere seil oan sa'n melappe.

B e r b e r.

Mar boer! dat kin it memmeherte ek net mear forkropje; ús Feikje is gjin melappe; hja meije 'r sa goed wêze, better en sediger fromminske is 'r net.

G j a l t, (*spitich.*)

In moaije sedigheid . . . jouns, by tsjuster mei de manlju omslengerje.

B a e s J a b i k, (*springt oerein.*)

Siz dat nôch eris! dou fine divel astou biste.

B e r b e r, (*ek oerein, kriget Jabik beet.*)

Jabik! Jabik! och meitsje it nou net to raer, bring jou sels en ús net yn ûnk en lijen.

B a e s J a b i k.

Ik seil him de doar út smite, dy skurk!

G j a l t.

In skurk is 't, dy 't, om him sels to forrykjen, it foar goed oansjocht, dat syn eigen dochter hjar eare to grabbel smyt.

F e i k j e, (*komt op mei it hier los en de klean heal oan, forwyldere en raer; hja het troch it geande wei lûder praten, it lêste fen it petear heard en nou ropt hja met in lûde skrilke stimme, ûnderwiles hja hjar mem om 'e hals falt :)*)

Ik myn eare to grabbel smite . . . o, mem! . . . ik myn eare kwy! . . . (*hja falt dêrop yn ûnmacht en Berber fangt hjar yn de earmen op; Gjalt uol noch hwet sizze, mar nou pakt Jabik him by de earm.*)

B a e s J a b i k, (*wylst 'r Gjalt fen de stoel lûkt.*)

Dêr út! dou stjonkert! dêr út! siz ik dy!! (*Berber wol Jabik noch keare, mar hja kin net, omdat hja Feikje net los litte kin; Jabik hâldt fol, wylst 'r Gjalt oanfiert :)*)
Dêr út! dêr út sistou!! (*Gjalt keart noch tsjin en nou pakt Jabik him foar goed beet en smyt him bûten doar.*)

3e BIDRIUW.

Hwet Dokter seit.

FJOUWER WIKE LETTER.

It toaniel is wer de selde wenkeamer fen Baes Jabik.

Baes Jabik, yn syn wirkklean, sit mei syn wiif en mei dokter
Aegema by de tafel. Sa wirdt it girdyn ophelle.

Baes Jabik, (*rikt dokter de beker
mei sigaren oer.*)

Asjoubljeft, dokter! stek nou ris oan, jou habbe nou wol
efkes tiid, oars net?

Berber.

Ja, to dokter, den seil ik jou in kopke koffy ynjitte.

Dokter.

Nou, to den mar, in ketierke kin it noch wol lije, mar
langer ek net; ik moat joun noch ris nei bûten, nei âlde
Rjuerd Gosses, dy het my to middei freegje litten, as ik
dêr joun ek komme koe.

Berber.

Och, hea! is âlde Rjuerdom siik, dokter?

Dokter.

Dat wit ik just net, dêr is my neat fen sein en ik haw
der ek net nei frege; de âlde is wol gau ris net rjucht
yn 'e heak, to minsten sa 't 'r mient, howol ik leau, dat
it meast fen syn sittend libben komt en troch forfeling.
It is den ek al folle, dat him neat skeelt as ik by him
bean wird; mar den moat ik altyd hwet by him sitte,

meastal to skaken ef to dammen, ûnder in pypfol tabak en in glês wÿn. Ik freegje sa dwaende ek nea mear hwet 'r oan skeelt, as 'r immen fen Rjuerdom om my komt, mar skik it jimmer sa, dat ik in ûre foar him oer ha.

B a e s J a b i k.

Dat seil jou dôchs wol ris hwet lêstich wêze, dokter?

D o k t e r.

Dat is it somtyds wol, mar as ik oare droktme ha, den moat Rjuerdom wachtsje; ik gean den ek nea nei him ta, foar dat ik myn oare droktme oan 'e kant ha en komt 'r, as ik by him bin, ûnforwachts hwet to dwaen, den wit myn wiif wol hwêr hja my fine kin.

B e r b e r.

Is de âlde der den wol mei iens dokter, as jou foart moatte?

D o k t e r.

Dat spant 'r wol ris om, hy kin den wol ris tige kibje; okkerjouns hadde wy it noch hawn, do it famke fen Oebele's foar dea út 'e feart helle waer, dat wy midden yn it skaekspil sieten. Ik moast dêr dalik hinne en lei it skaekspil del; mar och sei! hwet wier de âlde do prottelich. Hy sei: ja dokter, nou jou sjogge, dat jo it forlieze moatte, nou geane jo hinne, dat is net earlik, hear! en hy woe my hast gjin joun sizze.

B a e s J a b i k.

Kin âlde Rjuerdom den sa goed skake, dokter?

D o k t e r.

Och, hwet seil ik sizze; de measte spillen wint 'r fen my, hwent as 'r it forliest, den stiet it net sa rûm.

B e r b e r.

Den seil dokter it him wol winne litte, tink ik.

D o k t e r.

Och, men moat sa hwet mei skipperjen troch 'e tiid, oars net? sa hwet draeiende wize; de hiele wrâld draeit om-

mers; en as ik de âld man dêr nou hwet wille mei jaen kin, hwêrom den net; it docht him faek folle mear goed, as dy bulte drankjes en pillen.

B a e s J a b i k.

Scoe dat by in bulte siken sa net wêze, dokter?

D o k t e r.

Alles op syn tiid, baes; in hopen siken binne sûnder medecinen net to helpen, mar ik wit ek wol, dat in goed wird ef in goede died somtyds mear help oanbringt, as al dat doktersgoed. Der habbe jo nou jimme Feikje; dy is tige by tige siik wêst; hja hie swiere koartsen en hjar senuwen wieren dêrby alhiel yn ûnstjûr; ik bin in hiele tiidlang bang wêst, dat it noch op hersensiiktme útrinne scoe, mar dêr foar is nou gjin gefaer mear; wy habbe de koarts troch kreft fen medecinen oerwoun en hja is nou yn rêst.

B e r b e r.

O, dokter! siz dat yet ris, scoe Feikje bûten gefaer wêze? it memmeherte tilt sa swier, ik kin it hast net leauwe.

D o k t e r.

Bûten gefaer, Smidske, ja, dat is hja, alteast bûten dalik gefaer. Om hjar lykwol alhiel klear to krijen, moat 'r nou oars hwet dien wirde, as gewoan dokterjen. Hja is fol swierichheid, it liket wol, dat alle libbenswille der by hjar út is; dat is ûnnatúrlík by sa'n jong faem. Nou hjar siiktme fordwún is, moast hja wer mei nije moed en nije blydskip de takomst to mjitte sjean; mar yn pleats dêr fen liket it libben hjar wol ta in lêst to wêzen. Der skeelt hjar hwet, dêr hja tsjin my net rjucht foar út komt, mar dat, nei myn oardiel, mear is to finen yn hjar sielstastân, as yn hjar lichem. Kinne wy der efter komme en dat út 'e wei rûmje, den wirdt hja better, mar dêr foar helpe de drankjes hjar net mear; kinne wy dat net, den moat hjar lichem der ek mei ûnder lije en einliks de slach forlieze.

Berber, (*tige moeilik.*)

Den bin ik bang, dokter, dat hja nea better wirde seil.

Dokter.

Jou tinke dôchs net, Smidske, dat ik jo hwet op 'e mouwe spjeldsje wol?

Berber.

O, né! dat net, sa moatte jou net tinke; ik woe mar sizze, dat oan it jinge hjar skeelt neat is to foroarjen.

Dokter.

Den witte jou hwêr hja oer sucht? . . . dat is al in hiele bulte woun.

Berber.

Ja, mar fierder komme wy ek net, hwent it middel dat hjar helpe kin, is foar hjar net to krijen.

Dokter.

Forklearje jou neijer, Smidske.

Baes Jabik.

Ik seil 't jo wol sizze, dokter; Feikje het ljeafde opfette foar in jong feint; in oprjuchte wolmienenende ljeafde, mar dy feint is ryk en kin troch ervjen noch folle riker wirde.

Dokter.

Ik tochte wol, dat 'r soks hwet efter skûle, mar den libbet dy feint noch?

Baes Jabik.

Ja, dokter, oars koe 'r ommers net ervje.

Dokter.

Den is de greatste swierichheid al út 'e wei; hwent fensels, as 'r dea wier, den koe hja him net krije. Mar nou dat oare; jou sizze: dy feint is ryk en kin noch folle riker wirde; is hy dêr sa folle minder om?

Baes Jabik.

Né, dokter! dat net; en dôchs woe ik wol, dat 'r hast neat hie, hwent den koenen hja 'r folle earder ta oergean om mei'noar to boaskjen.

Dokter.

Ho stiet dy feint 'r sels ûnder, sjocht 'r mûlk, omdat 'r wit, dat 'r ryk is, boppe oer Feikje hinne?

Berber.

O, né! dokter, ek dat net; Feikje scoe nea eagen op him smiten ha, as hy hjar net foarkomd wier; hy het it ek tige hird op Feikje bigrepen, mar syn heit wol it mar hiel net lije.

Dokter.

Dat is al wer in swierichheid út 'e wei, dat binne 'r al twa; de feint dy 't hja ljeaf het, libbet noch en dy het it ek tige op hjar bigrepen, dat giet goed. Nou de trêdde: jou seijen, dat syn heit it net lije woe; mei ik freegje, hwêrom net?

Baes Jabik.

Wol, omdat in houlik mei Feikje net yn hjar stân is, sa 't er seit. In rike boeresoan trouwe mei in smidsdochter dy 't wol net alhiel earm is, mar ek net folle jild het, dat kin de brúne net lûke, dat lit hjar eare net ta.

Dokter.

En den lit hjar eare wol ta, dat er syn eigen soan ûngelokkich makket en jimme dochter der by. Hwet habbe in bulte minsken al rare tinkbylden yn 'e holle. 't Is wier, in hopen trouwe 'r sa mar hinne, sûnder 'r om to tinken ho hja troch de tiid komme seille en dat is tige ou to karren; mar alles op in bulte jild oankomme to litten en oars nearne nei to sjean, dat makket in bulte minsken nôch ûngelokkiger; mar hokker is den dy rike heit, as ik freegje mei?

Baes Jabik.

Dat is Gjaltboer, fen 'e Westerbûrren.

Dokter.

Ik hie 't wol tocht en den is it syn soan Rjuerd, dêr Feikje sa om kwynt; nou, dat is in bêste jonge, folle better as syn fromme heit.

B a e s J a b i k.

Den kinne jou Gjalt ek al foar net sa'n bêsten ien, dokter?

D o k t e r.

Nou, ef ik him kin; as 'r by hjarren immen siik is, den wol 'r wol graech dat ik hjar help, mar om my letter to biteljen, dêr tinkt 'r net om.

B e r b e r.

Hea noch ta, sa'n rike boer en dy net bitelje? . . . dêr hear ik frjeamd fen op.

B a e s J a b i k.

Mar Berber, sa het 'r ús ommers ek hast altyd; it nije jier is ek altyd al ryklik heal wei, foar dat 'r it âlde bitellet; hy is jimmeroan de lêste; ik tink, dat 'r al dat jild sa lang útset om 'r sadwaende noch hwet rinte mei út to winnen.

D o k t e r.

It mocht hwet! . . . hy is 'r to earm-ta, om oeral op 'e tiid mei jild to kommen.

B e r b e r.

Hwet sizze jou dêr! dokter?

D o k t e r.

Neat oars as de wierheid.

B e r b e r.

Dêr hear ik frjeamd fen op.

B a e s J a b i k.

En ik net minder, hwa scoe dat tinke!

D o k t e r.

O, ik kin jimme dêr wol mear fen sizze, mar ik wol 'r gjin praet oer hawwe.

B a e s J a b i k.

Wêz dêr mar net bang foar, dokter, trôch ús scil 'r gjin praet fen komme.

D o k t e r.

Dat bitrou ik, en omdat jimme dêr bilang by ha en

foaral jimme Feikje, seil ik jimme noch hwet sizze. Dat erfpoarsje, dêr jou niis oer praetten, baes, dat seil den wol komme moatte fen âlde Rjuerdom, Gjalt syn swaeger; mar dêr kin Gjalt better op wachtsje as op fesje.

B e r b e r.

Hea, dokter, hja binne ommers swaegers en Rjuerdom as âld feint het gjin neijer sibben.

D o k t e r.

Dêr habbe jou gelyk oan, Smidske; hja binne wol swaegers, mar dy sa fier út 'noar rinne as nacht en dei; Rjuerd mei Gjalt foar syn eagen net sjean; dy is him al to fyn en to kliemerich, seit 'r, en dêrby net earlik. Rjuerd sels is, lyk as wy wol witte, hwet rou, mar tagelyk ek tige roun fen karakter. Den bardt it wol ris, dat Gjalt him oer syn sonden en ûngerjuechtichheden, sa as 'r it neamt, tige ûnderhâldt en him formoannet ta bikearinge en den dûrret it ornares net lang ef Rjuerdom bigjint fen boppen ôf 'r op to timmerjen mei to sizzen: dou fine divel! pas mar op, datstou dyn eigen túntsje wjûrdste en bitelje my it jinge, datste oan my skildich biste Jimme moatte witte, dat alles, hwet Gjalt hjit to hawwen, Rjuerdom sines is en oan rinte biteljen tinkt Gjalt nea.

B a e s J a b i k.

Nou! nou! dêr kin ik gjin heechte fen krije, witte jou wol, dat it wier is, dokter?

D o k t e r.

As ik dat net wiste, den scoe ik it jimme netsizze. Sa as ik niis al sei, ik kom gau ris by Rjuerdom; ik leau, dat 'r wol fen my hâldt en howol 'r my ek wol ris tige it lexem oplêze kin, ek wol bitrou yn my stelt. Sa het 'r it my sels forteld, baes, en der by sein, dat Gjalt nea fen him ervje scoe. Rjuerd lykwol, scoe 'r net forjitte, hwent dy jonge, der hâlde hy wol fen. Mûlk is 'r ek wol in bytsje namsiik, mar Gjalt! né, dy mei 'r foar syn eagen

net sjean; en as 'r it net liet om 'e minsken, ik leau sikerwier, den wier hy 'r neat to goed ta, om Gjalt neaken út to klaeijen. Och sei, baes! hwet het 'r him 'r oer formakke, dat jou okkersnein to moarne Gjalt bûten doar smiten ha.

Berber.

Och, dokter! dat is net sa slim gien.

Dokter.

Nou, Smidske, it is goed, dat jou dat hwet forsêftsje wolle, mar ik wit it oare wol.

Baes Jabik.

Mar ho binne âlde Rjuerdom en jou der efter kommen, dokter? Ik miende, dat nimmen dat sjoen hie.

Dokter.

Dat het ek nimmen sjoen, mar Gjalt het it sels oan Rjuerd forteld.

Baes Jabik.

Doarst 'r der ek noch oer prate?

Dokter.

Wol wis! doarst 'r dat; hy wier fen sels ougriislike lilc op jimme en dêrom het 'r tige syn bêst dien om hjir in oare smid to krijen en jimme 'r út to wrotten; mar hy wist wol, den moast 'r Rjuerd ta help hawwe, omdat dy yn Jouwergea in greate earm het; sa dwaende is 'r mei in bulte kleijen oer jimme by Rjuerd kommen.

Berber.

En het it him ek hwet holpen, dokter? wy habbe mei de siiktme fen Feikje oars nearne acht op jown en witte 'r mar in bytsje fen hwet 'r om giet; scoe Gjalt ús sa ekris yn 't leech helpe kinne?

Dokter.

Dat het gjin need, Smidske; Rjuerdom seil 'r him to minsten net ta helpe en oars is 'r net folle need mear mei. Jonge, dat moat sa moai gien wêze, do Gjalt him dy grap

fortelde. Rjuerd liet him earst alhiel útprate en do Gjalt oan 't ein wier, sei Rjuerd mei in tige kliemerige stimme: in rare boel, swaeger, dat moat ik sizze; en dôchs eat, der jou wol tankber foar wêze meije, hwent hwet is dit in skoane gelegenheid foar jou, om jo frommens yn tapassing to bringen en de Skrift op to folgjen, dy 't ús leart, dat min syn fijnen ljeaf habbe moat; en do 'r dat sein hie, boarste 'r út yn laeitsen. Gjalt is do gau wer ôfmaske.

B a e s J a b i k.

Nou, nou! den is 'r dêr ek neat better wei rekke as hjir; mar, dokter! Gjalt het syn soan drige mei ûntervjen as 'r net fen ús Feikje ôfseach; as 'r nou neat het, den kin 'r him ommers ek net ûntervje, ho is dat nou mei 'noar to rimen?

D o k t e r.

Och, baes! dat is neat oars as bangmakkerij; Rjuerd scil net sa lyk witte ho it mei syn heite saken stiet.

B e r b e r.

Mar as it sa mei Gjalt stiet, hwet kin 'r den op ús en op ús Feikje tsjin ha?

B a e s J a b i k.

Ei, Berber! it gelove scil der ek wol hwet ta dwaen; wy hjitte grou to wêzen en Gjalt is ommers fyn.

D o k t e r.

Dat leau ik nou dalik net, baes; Gjalt mei him from hâlde, it scil lykwol ek wol mei him wêze as mei dy keapman, dy sei: „Ik ha in ryksdaelders geloof.” As Gjalt 'r ryk mei wirde koe, mûlk wier 'r den wol grouwer as jou binne.

B e r b e r.

Mar den freegje ik yet ris, hwet kin 'r den op ús Feikje tsjin ha?

D o k t e r.

Wol, oars neat as dat jimme nei syn sin gjin jild enôch

habbe. Hear ris, ik wit 'r alles fen; Gjalt bitrout it erfpoarsje fen syn swaeger net, ef ljeaver hy bitrout syn swaeger sels net, omdat 'r wol wit, dat hy him net lije mei; giet nou dat erfpoarsje syn noas eris foarby, den is 'r earm, hwent den koe it ek noch wol barre, dat hy, it jinge hy fen Rjuerdom het, nei dy syn dea noch wer opbringe moat. Om him nou út dy forlegenheid to rêdden, het 'r syn hope boud op in ryk houlik fen syn soan en dêrfoar set 'r nou alle seilen by; it kin lykwol wol ris spanne, dat 'r syn skipke yn in feilige haven stjûrt.

B e r b e r.

Ik kin net oars sizze, nou ik dat allegearre hear, haw ik dôchs meilijen mei de man; hy is nou ienkear yn dy swaei en kin sa 't liket dêr net wer útkomme. Jonge! jonge! min wit foarút net, hwêr min somtyds ta forfalle kin; de omstannichheden meitsje faek de minsken. Dokter, ik tankje jou 'r foar, dat jo ús dat forteld ha, myn oardiel oer Gjalt is 'r troch forsêfte.

B a e s J a b i k.

Jou habbe goed praten, Berber, dat de omstannichheden de minsken meitsje, mar witte jo wol, dat de omstannichheden ús Feikje ek ûngelokkich meitsje? Dat seil ik Gjalt nea forjaen.

D o k t e r.

Dat jou dat net forjaen kinne, baes, der wol ik jo net oer biskrobje; it mei den net alhiel nei de leare wêze, ik fyn it net oars as natúrlík. Hwet rjuchtearde âlder scoe it goedsikis oansjean kinne, dat it lok fen syn ienichst bern fortrape wirdt? . . . Mar in oare frage is it, ho jou tsjinoer Gjalt wêze scoenen as it mei Rjuerd en Feikje mei syn goedkarring noch ris to rjuchte kaem?

B a e s J a b i k.

Den scoe ik alles forjitte en forjaen; en al wier it den ek, dat Rjuerd hast neat oars oanbringe koe as syn

goedlike aerd, den nôch scoe ik Gjalt as in goed frjeun de hân skodsjje.

Dokter.

Moai sa, dat teikent de man fen karakter; ik hie ek net oars fen jou forwachte, baes! En nou nôch hwet: ik siz jimme, alle hope is noch net forlern; ik wit nou de kwael fen Feikje en ik bliuw hjar dokter en tagelyk jimme frjeun. Ik mei my dat bitrou wol taeigenje, oars net?

Baes Jabik.

Sûnder twivel, dokter; ik hoev 'r net by to sizzen, dat jou by de middels dy 't jo brûke scille, ús eare heech hâlde moatte.

Dokter.

Dêr seil ik foar soargje, ha dêrmei mar gjin noed . . . Kom, nou wirdt it myn tiid; it ketierke is al hwet lang wurden; allinne dit nôch: Feikje moat strak wer fen 't bêd ôf en as 't eat mûlk is, eris in pear ûre opsitte. (*Hy giet oerein en jout baes de hân.*) Joun, baes, it bêste mei'noar, hear!

Baes Jabik.

Joun, dokter! ek it bêste, jou komme gau ris wer?

Dokter.

Ja wis. (*Dernei jout 'r Berber de hân.*) Smidske, ek it bêste, hâld jo mar goed, hear!

Berber.

O, ja, dokter! ik seil my wol goed hâlde, ik wol alles wol duldsje en drage, as ik myn Feikje mar bihâlde mei. O! ik bin sa bliid dat jou ús helpe wolle; hwet it ein jaen seil, witte wy net, mar dôchs, jou wurden binne foar my in hiele treast en dêrfoar seil ik jo altyd tankber bliuwe; joun, dokter!

Dokter.

Ik bin dêr fen oertsjuche en nou yet ris: it bêste mei'noar . . . goe'n joun. (*ôf.*)

(*Nou sitte Jabik en Berber in koarte tiid stil.*)

B a e s J a b i k, (*seit einliks.*)

Nou, mem! hwet sizze jo der fen. Dokter liket noch wol moed to hawwen en seil, wol ik leauwe, it hjir net by sitte litte, mar ik moat mar roun út sizze: ik kin fen dat alles gjin heechte krije.

B e r b e r.

Ik like min, Jabik; ik bigryp 'r neat fen; en dôchs is 't as krij ik wer in bytsje hope; mocht dy hope mar net idel wêze, hwent den wier it hertsear sa folle to greater.

B a e s J a b i k.

Dokter liket mei Gjalt syn dingen alhiel op 'e heechte to wêzen en is dêrby tige iens mei Rjuerd Gosses; as 'r help komme seil, den moat it fen dy side komme, mar ho? dat bliuwt my in riedling.

B e r b e r.

It is my ek in riedling, heit; Rjuerd Gosses giet altyd foar in freamde man. Sommige minsken sizze, dat 'r de faem faek om in swevelprikke sa heislik bikibje kin, dat it nearne nei roait; en oaren wer miene, dat 'r yn stiltme folle goed docht en by de bult wei jout; 't is mar krekt hwet kant 'r oerfalt. Men kin hast net tinke, dat in houlik fen syn omkesizzer mei ús Feikje him nei 't sin wêze seil.

B a e s J a b i k.

Mûlk net sa folle, dat hy it trochdriuwe seil, as hy dêrta al de kreft het, mar min kin it nea witte. Ik haw my wol ris fortelle litten, dat âlde Rjuerdom altyd feint bleaun is, omdat 'r do 'r jong wier ek syn sin net hawwe mocht. Hy het do frijd mei in tsjeppe boerefaem en hie it der hird op bigrepen, mar dat is do troch syn âlden ek keard; dy faem is do koart der nei siik wurden en forstoarn. As Rjuerd nou alles is goed wist, mûlk tocht 'r den wol: ik moat as 't mûlk is myn omkesizzer biwarje foar it ûnk, dat my sels oerkommen is.

Berber.

Da is sa, Jabik en it is ek de ienichste hope dy 't er foar ús oerbleaun is, hwent ik leau wol mei dokter, dat ús bern nea better wirde kin, as hja fen Rjuerd ôf sjean moat.

Baes Jabik.

Dat liket sa wol, mar wy moatte ús bêst dwaen en hjar opfleurje sa folle as wy kinne. Is Tetsje noch by hjar?

Berber.

Ja, dy forlit hjar hast net; och, hwet het dat sloof my yn de siiktme fen Feikje bystien en hjar by nacht en by dei mei oppast; hja het hjar eigen húshâlding 'r ûnder lije litten, wol 'k leauwe.

Baes Jabik.

Ja, dat is nuver, oars net? De minsken lykje in bulte fen ús bern to hâlden, hwent ek dy oare froulju, dy hjar earst sa birabbe ha, komme nou hast alle dagen to freegjen ho it mei hjar giet; dat is dôchs in biwiis, dat hja net alhiel yn 't kweade forhirde binne.

Berber.

En it is for ús in treast yn 't leijen . . . Mar komoan, wy bliuwe hjar mar sitten to keuveljen, ik moat wol it ien en oar foar Feikje ré meitsje, hwent hja moat fen 't bêd ôf, het dokter sein.

Baes Jabik.

Ja, en ik moat yet wol efkes nei de smidte ta, om de boel hwet op to rêdden; dêrnei seil ik my hwet forklaeije, den kin ik, as Feikje fen 't bêd is, hwet by jimme sitte; fen 't arbeidsjen seil joun dôchs net mear komme. (ôf.)

(Berber set nou heit syn greate briedstoel, mei in kjessen dêr op, foar Feikje ré en in waarme stove dêr by en kriget in kopke en pantsje foar hjar út 'e kas.)

Tetsje, (komt op.)

O, is de frou al mei de stoel en stove ré? Ik scoe krekt

eris sjean, as ik it gau klear meitsje koe, hwent Feikje bigjint sels to driuwen om fen 't bêd ôf.

Berber, (*forbaesd.*)

Is dat sa, bigjint hja sels to driuwen? dat is frjemd, hwent oars is hja 'r hast net út to krijen.

Tetsje.

Dat is sa, mar hja het nou fêst it iene of 't oare yn 't sin; hwent ik moast hjar de klean alhiel oandwaen ~~om in~~ skjine-wite mûtse opsette; oars sit hja, lyk as de frou wol wit, sa mar, sa 't se fen 't bêd komt, mei in tekken om hjar hinne.

Berber.

Och, hea! as dat mar goed komt.

Tetsje.

Wol, hwêrom net? Hja is sa rêstich en sa bêst, dat ik sikerwier leau, dat hja wer better wirdt.

Berber.

Hwet scoe ik dat graech wolle en dat habbe wy den foar in great diel mei oan jou to tankjen, Tetsje; jou habbe hjar sa oppast, dat ik it jou net forbetterje koe; as jou by hjar binne is hja altyd gerêst. O! hwêr seille wy jou dat mei forgoedsje?

Tetsje.

Praet dêr nou net oer, frou, Feikje het it dûbeld en yetris dûbeld oan my fortsjinne. Ik haw foar en nei sa folle fen hjar leard, naeijen en breidsjen en noch folle mear, hwet yen alle dagen yn 'e hûshâlding to pas komt; en do ús Hiltsje sa siik wier, wier hja dêrfoar in twade mem... ik scoe al tige ûntankber wêze, as ik hjar nou net bystie... Kom, ik seil hjar fen 't bêd helpe en hjir bringe. (*ôf.*)

Berber, (*allinne.*)

O, fy! hwet is 't allegearre raer om my hinne; it is my sa wûnderlik to moede, der is fêst hwet op til; 't is nou al in dei fen bûtenwinstichheid; forearst is it hjoed krekt

in jier lyn, dat Rjuerd ús Feikje út it iis helle het; dat docht my al tige oan. O, o! hwet wier my dat do ek in dei. Nou het dokter ús niis sa folle forteld dêr ik net by kin, mar dat ús op nij dôchs wer hope jout en dêrby liket Feikje alhiel oars to wêzen as hja yn de lêste dagen wier en hwet 'r nou noch mear komme seil . . . ik wit it net . . . ik wit it net . . . mar ik mat my sterk hâlde en mar fleurich lykje, dat is foar Feikje it bêste, seit dokter . . . Dêr komt Tetsje al mei hjar oan, leau 'k.

(Feikje komt op mei in nij bêdjak oan en in wite mûtse op, hja is noch tige blik en swak; dêrom het Tetsje hjar yn 'e earm en komt hja, stapke foar stapke, mei hjar neijer.)

Berber, *(giet op hjar ta en kriget hjar by de hân, hja seit tige fleurich.)*

Dei, fanke! dei, Feikje, nou! nou! dêr habbe jimme my ek forrifele, hear, sa mar de klean oan en dat mar bûten mem?

Feikje, *(glimkjende, mar mei in swakke stimme en langsum:)*

Dei, . . . mem! . . . mem . . . is 'r . . . net . . . lilik . . . om . . . wol, . . . dat . . . ik . . . wer . . . in . . . bytsje . . . oan . . . klaeid . . . bin?

Berber.

Wol né, fanke; ik bin der tige bliid mei, 't is in teiken dat it foarút giet mei dy . . . och! hwet seil heit ek raer opsjean as 'r yn 'e keamer komt. *(Nou liede hja hjar nei de briedstoel ta en litte hjar dêryn sakje, ek Berber en Tetsje geane beide op in stoel sitten; Berber forfolget:)* Nou, myn ljeave, kin ik sjean, datstou better wirdste.

Feikje.

Och! . . . mem, . . . dat . . . wit . . . ik . . . just . . . net . . . mar . . . it . . . is . . . hjoed . . . alle . . . gear-

re . . . hwet . . . oars; . . . wit mem . . . noch . . . wol
 . . . hwet . . . 'r hjoed . . . foar . . . in . . . jier . . . bard
 . . . is?

Berber, (*hâldt hjar as ef hja it
 net wit.*)

Né, fanke, sa lang kin ik net onthâlde.

Feikje.

Ja, . . . mem . . . wit . . . it . . . wol . . . mar . . .
 mem . . . wol . . . 'r net . . . oer . . . prate . . . (*hja bi-
 gjint tiidlikjes wei hwet redder to praten.*) Mem . . . is
 bang . . . dat ik it my . . . to folle oantsjean seil . . .
 mar haw dêr mar gjin noed mei, . . . ik leau, it is goed
 foar my . . . dat ik dêr ris oan tink.

Berber.

Mar hwet mienstou den, myn ljeave?

Feikje.

Och! mem wit ommers wol . . . dat hjoed foar in jier . . .
 Rjuerd my út it iis holpen het . . . Ik haw der al lang
 oer mimere . . . en do ik to moarntyd oan Tetsje frege . . .
 hwet dei it hjoed wier . . . en hja my dat op myn oan-
 hâldend freegjen sei . . . tocht ik dalik, . . . dat it hjoed
 de earste jiddei wier . . . fen myn nij libben . . . Scoe
 Rjuerd der ek om tinke, mem?

Berber, (*wylst hja in trien wei-
 faget.*)

Ik wit net, myn ljeave, ik tink hast fen wol.

(*Tetsje giet opstean en wol hinne gean om mem en dochter
 mei hjar beiden to litten, mar nou seit :*)

Feikje.

Né, Tetsje! bêste frjeundin, bliuw mar sitten . . . jou
 meije it ek wol heare hwet ik sizze wol . . . ik haw foar
 jou gjin geheimenissen . . . ik haw jou ljeaf as in sister
 . . . ik scoe hast sizze, as myn mem . . . Jou habbe hast
 mear, as in sister dwaen kin, my holpen . . . ik bin jo

der o! sa tankber foar . . . kom lit ús foar altyd sisters bliuwe . . . (*Hja rikt Tetsje de hân ta, dy 't dy mei triennen yn 'e eagen oannimt en wer sitten giet; ek Berber kin hjar sels hast net gelyk bliuwe; Feikje forfolget*.) Hea noch ta! hwet sjogge jimme beide drovich . . . binne jimme den net bliid mei dizze dei? . . . foaral ek omdat ik hwet better bin? . . .

Berber.

O ja, ljeave! wy binne sa bliid, dat wy hast fen bliidskip skrieme moatte, mar ik bin tagelyk ek bang, datstou it dy sels hwet to drok makkeste; lit dêrom dy dingen mar rêste, myn Feikje.

Feikje.

Och né, mem, wêz der mar net bang foar . . . as alles wier sa wy it winsken, den scoe it hjoed in blide dei wêze . . . en ek nou noch kin ik him net ûngemirken foarby gean litte . . . Hwêr scoe heit wêze, dy moast nou ek yn 'e hûs komme.

Berber, (*giet oerein*.)

Den seil ik heit roppe. (*Hja ropt oan 'e doar*.) Jabik! komme jo nou yn 'e hûs! ús Feikje sit by de tafel en dy het langstme nei jou.

Baes Jabik, (*ropt werom sûnder dat min him noch sjocht*.)

Ja, ik kom al, hear! (*Mei komt 'r op en seit*.) Dêr bin ik al, joun, Feikje! joun, fanke! . . . mar sjoch nou ris, binne de klean wer oan? nou! nou! dêr habbe jimme heit ek ris moai to fiter, oars net?

Feikje, (*glimkjende*.)

Ik leau dat heit ek allike nij op sjocht as mem en Tetsje . . . wit heit den ek net hwet dei it hjoed is?

Baes Jabik.

Ja bern, dat wit ik wol; mem en ik habbe der to

moarntyd noch oer praetten, wy doare lykwol dêr hast net oan tinke.

Feikje, (*hja driget sa beare mem mei de finger en seit fleurich:*)

Nou is heit oprjuchter as mem . . . hwent mem sei, dat hja 'r neat fen wiste hwet dei it hjoed wier . . . en nou komt it út, dat mem 'r wol om tocht het; . . . nou, dat is nou sa 't is . . . wy witte it nou allegearre wer . . . en moatte nou mei'noar in bytsje wille ha . . . tinkt my . . . (*Jabik, Berber en Tetsje sjogge elkoar oan, mar doare neat sizze; Feikje forfolget:*) Hwet tinke jimme, scoe Rjuerd der ek om tinke? . . . (*Nije forbazinge en nije angstme by de oaren; hja seit fierder:*) Oeh! sjoeh nou allegearre net sa biteutere, wêz nou bliid mei my . . . ik fiel my hjoed sa skoan . . . it is krekt as het Rjuerd my hjoed wer foar de dea biwarre; . . . it is krekt as it my op 'e lea leit, dat 'r hjir joun komme seil . . . en dôchs kin dat net wier wêze . . . hwent it briefke, dat Tetsje him fen my brocht het . . . de earste dei fen myn siiktme . . . dêryn haw ik him skreaun . . . dat 'r mar foar altyd . . . fen my . . . ôfsjean moastte . . . (*Hja wirdt moeilik; meilijen en angstme foar hjar by de oaren.*)

Tetsje, (*seit einliks:*)

Myn bêste Feikje! nou witte jou net rjucht hwet jo sizze; ef ljeaver, jou witte net rjucht hwet jo dien hadde; ik haw nea in briefke foar jou nei Rjuerd ta brocht . . . wol haw ik do dy Sneintomoarne ien fen him oan jou jown, mar jou hadde net werom skreaun.

Feikje, (*tige langsum en hjar bitinkende.*)

Haw . . . ik . . . him . . . net . . . werom . . . skreaun? . . . en ik haw . . . al in briefke . . . fen him krige . . . sizze jou? . . . (*Hja sit efkes stil to tinken, dêrnei seit hja:*)

Scoe dat briefke fen Rjuerd ek noch yn wêzen wêze? ...
ik wit 'r neat mear fen ho it dêrmei gien is. (*Jabik knypeaget Berber nou oan.*)

Berber.

Scoe myn Feikje dat briefke graech wer habbe wolle?

Feikje.

O, ja! mem, och! sa graech.

Berber, (*soarchfâldig.*)

Den seil ik it moarn sykje, nou joun to folle op ien stuit, dat is net goed for dy, ljeave!

Feikje.

Sa 't mem tinkt; as mem it mar het, den wit ik wol is it goed biwarre . . . Mar haw ik sikerwier Rjuerd noch net werom skreaun?

Berber.

Né, myn bern; hwent de selde moarne, dastou Rjuerd syn briefke krige heste, hest de koarts al krige en sont dy tiid biste jimmer tige siik wêst.

Feikje.

't Is frjeamd . . . ik kin dat allegearre hast net leauwe en dôchs seil 't wol wier wêze . . . mar it is foar my as in droam . . . Ik haw yn myn siiktme ek faek miend, dat Rjuerd by my wier . . . en dat 'r my noch syn Feikje neamde . . . mar den seil dat ek wol in droam wêst ha . . . net mem? . . .

Berber.

Né, myn fanke, dat wier gjin droam, dat wier yn wierheid sa.

Feikje, (*hjar eagen helderje op en mei in blide laeits op 't oanlit, seit hja:*)

Den het 'r my net forgotten . . . né, dat koed 'r ek net . . . den komt 'r joun ek . . . o ja, hy komt! . . . ik fiel it wol . . . (*der wirdt oan 'e doar kloppe.*) Dêr is 'r mem!

dêr is 'r, doch gau de doar op! . . . (*mar mem kin net, en heit kin net, it is as hja oan 'e stoel fêst sitte ; Feikje forfolget :)* To mem ! gau de doar op . . . Rjuerd seil my helpe ! . . . (*nou springt Tetsje oerein en giet nei de doar.*)

Rjuerd, (*komt op ; hy giet richelrjucht op Feikje ta, falt foar hjar op 'e knibbels, slacht de earmen sa om hjar hinne en seit :*)

Myn ljeave . . . ljeave Feikje!!!!

Feikje, (*nimt syn holle twisken hjar beide hânnen.*)

Myn Rjuerd ! . . . myn ljeave bêste Rjuerd!!!! (*de oaren binne ûnderwiles stil opstien en nei de eftergroun fen it toaniel gien.*)

IT GERDYN FALT.

GREATE TWISKENPOAS.

4e BIDRIUW.

Rjuerdom's Testemint.

It toaniel is de wenkeamer fen Rjuerd Gosses, min sjocht in tafel en derby in greate briedstoel, oars noch in mannich stoellen en it ien en oar mear, dat yn in ienfâldige keamer heart; op 'e tafel leit in brief.

Rjuerd Gosses, in âld man mei griis hier en in bril op, sit yn 'e briedstoel, allinne by de tafel; hy is hwet suterich yn 'e klean en het toffels oan. Sa wirdt it gerdyn ophelle.

Rjuerdom, (*springt oerein en tige lilck.*)

Dêr slacht de divel troch! ik haw al twa kear roppen en noch komt 'r nimmen. (*Hy strampelt nei de doar en ropt:*) Beits! . . . Bei! . . . eits!! . . . (*Hy stampet fen lilckens mei de foet op 'e groun en ropt noch lûder:*) Bei! . . . ei!! . . . eits!!!

Beitske, (*komt haestich op.*)

Ja, Rjuerdom! dêr bin ik al.

Rjuerdom, (*snibbich.*)

Dêr bin ik al . . . dêr bin ik a . . . al . . . Ik bin 'r al sauntich jier wêst en dou ek al folle langer as hjoed, mar dou hâldste dy mar krekt aste der net biste en dou litste my mar roppe en raze.

Beitske.

Mar Rjuerdom! ik hie krekt in pankoekje foar jou oer 't fjûr en dat koe ik dôchs net forbâne litte; ik kin net alles tagelyk dwaen.

Rj u e r d o m.

As ik rop, den moaste alles tagelyk kinne, den moaste foar en efter wêze, ûnder en boppe en rûnom, oars kin ik dy net langer brûke, hear!

B e i t s k e, (*sa beare ek lilik.*)

Hear ris, Rjuerdom! ik haw nou hast al fifentweintich jier by jou wenne en jo jimmer trou bitsjinne; wolle jo my nou foartstjurre, dat stiet oan jou, mar ik wit, dat ik myn bêst doch en mear kin ik net.

Rj u e r d o m.

Né, sa mien ik it net; lyk astou seiste: dou hest nou hast al fifentweintich jier by my wenne en ik siz 'r by: my ek sa lang lêst oandien; it komt nou ek op in deimannich noch net oan; . . . hjoed kin ik dy to minsten net misse.

B e i t s k e, (*wer goed.*)

En moarn is 't jou wer forgotten, in 't wier Rjuerdom?

Rj u e r d o m.

Dat koe dy wol ris hwet oufâlle, hertsje!

B e i t s k e.

Nou, as onthâld jou it al, den is 't noch neat, jou kinne my ommers dôchs net misse!

Rj u e r d o m.

Ik dy net misse kinne? . . . nou wirdt it noch moaijer! . . . hwêrom scoe ik dy net misse kinne? . . .

B e i t s k e.

Wol, hwa scoe den jou bêd op meitsje, dat kin ommers nimmen oars as ik jou nei 't sin dwaen.

Rj u e r d o m.

Der heste wrachtich gelyk oan fanke! . . . bliuw den mar wer, hear! . . .

B e i t s k e.

Ja, as ik wol!

Rj u e r d o m.

Wol foar den divel! woste nou út dy sels al foart rinne?

Beitske.

As 't net oars kin, den al . . . Ik wol altyd net hearre, dat ik 'r oer bin.

Rjuerd om.

Ei, dou biste der ek net oer, dat wiste ommers wol better, Beits; . . . mar wiste, ik wier in bytsje rimpjen en haestich, omdat hjir hjoed noch in hiele bulte barre moat. (*Hy giet wer yn 'e briedstoel sitten.*)

Beitske.

En hwet moat 'r hjoed den allegearre wol barre?

Rjuerd om.

Alderearst moat 'r ien nei dokter, om to sizzen, dat ik dea bin en dat dokter hjir dalik komme moat.

Beitske.

Mar jou binne ommers net dea, Rjuerd om.

Rjuerd om.

Dat dondert net, lit dat mar sizze, hwent oars komt dokter net foar joun let en ik moat him dalik sprekke; en den is 'r noch hwet, . . . dou moaste dy 'r foar ré hâlde dat wy hjoed folk krije.

Beitske.

Dat is in boel, wolle jou den hjoed al bigraffenis hâlde?

Rjuerd om.

Bigraffenis hâlde . . . ho komste dêr by, Beits! . . .

Beitske.

Wol, omdat jou dea binne, nei 't jo sizze.

Rjuerd om, (*laeitsjende.*)

Dou heste gelyk, Beits; mar dêr haw ik noch gjin sin oan, hear; lit den mar sizze, dat ik omtrint dea bin.

Beitske.

Dat is ek folle better, den komt dokter ek noch gauwer; hwent oan in libben minske is noch hwet foar him to for-tsjinjen . . . oan in deaden neat mear.

Rj u e r d o m.

Dou heste al wer gelyk, Beits, ja, dou heste gelyk . . . Ik miende net datstou sa snoad wierste; hear ris, dou hoogste net foart, hear, hwent ik bigjin nou wrachtich sels to leauwen, dat ik dy net misse kin. Meitsje nou mar gau dat 'r ien nei dokter giet, en ek, dat de boel ré wirdt foar it folk, dat hjir hjoed komt.

B e i t s k e.

Mar hearink, Rjuerdom! dat kin hjoed nea; ik bin mar allinne en kin nea de boel sa gau ré; it hûs is neat net himmel, dat moat earst hwet oprêdden wurde; de nije maten moatte wol lizze en skjinne dweiltsjes foar de doarren en den moat dat folk ek noch bean wurde, . . . dat kin nea allegearre sa gau; . . . is it net folle better, dat wy noch in dei twa wachtsje?

Rj u e r d o m.

Né, dat moat hjoed . . . en dat scil hjoed; dat wol ik nou sa hawwe en dat lit ik my net ouprate. Astou it allinne net dwaen kinst, rop den mar twa arbeidsters fen 't lân, Sibbel en Lys mar, dy kinne dy wol helpe.

B e i t s k e.

Nou, jou moatte it witte; hwa moatte 'r den bean wurde?

Rj u e r d o m.

Nimmen net, dat is net nedich; as de ljue hearre, dat ik omtrint dea bin, den scille hja út hjar sels wol komme, der binne enôch dy 't langstme nei myn dea habbe.

B e i t s k e.

Nou fetsje ik 'r neat mear fen hwet jou yn 't sin ha.

Rj u e r d o m.

Né, hin, dat giet nou dyn forstân eris to boppe, al ho snoad aste oars biste, mar joun, den scilste der wol better efter komme; . . . en nou oppakke, hear, de divel scil dy helje, Beits, aste net ré komste.

Beitske, (*wylst hja hinne giet.*)

Ik skrep al Rjuerdom, ik skrep al; hwent ik bliuw folle ljeaver by jou, as dat Hantsje my hellet (*ôf*).

Rjuerdom, (*strampelt nei de doar
en ropt hjar efternei:*)

Foaral sizze, dat ik hast dea bin, hear! dy arbeidsters moatte ek mar net oars witte (*hy komt wer nei foaren en giet op 'e stoel sitten; allinne:*) Dy Beits is dôchs in bêste faem, dat is mar sa; as ik it bilibje, dat hja fiif-en-tweintich jier by my wenne het, den seil hja in moai presintsje fen my hawwe, in silveren brilledoas ef sa hwet; en as ik joun myn testemint meitsje, den seil ik hjar ek net forjitte; hja moat nei myn dea fleurich libje kinne, dat het hja wol oan my fortsjinne. Sokke trouwe earlike tsjinstboden en ek hûssittende arbeiders, moasten op hjar âlde dei gjin brek hoege to lijen ef fen de fâlden hoege ûnderhâlden to wurden. Foar lju dy troch kloek en warber wêzen hjar jimmeroan sels rêdden en dêrby somtyds noch in keppel bern great brocht ha, is it sa'n tsjuster foarûtsjoch, it op 't lêst noch fen jowne biten hadde to moatten; dat komt hjar eare sa nei . . . Der moast in fûns foar wêze, dêr dy âldtsjes hwet wykjild út krije koenen. As alle lju, dy 't nou sa folle oer hadde foar dy Kristelike skoallen, dat selde, ef in part 'r fen, is by'noar leijen foar sa'n fûns en as rike ljue by testemint dêroan eris in somke joegen en as it ryk fen al de miljoentsjes dy 'r nou mei soldaetsje spyljen wei wirde, mar ris in hûnderste part dêrfoar ôfsûndere, ik leau, dat 'r den in bulte jild folle better bisteld waerd, as nou . . . Ik seil joun, as ik myn testemint meitsje, dêr hwet om tinke, mûlk kin dat de groun wol ris lizze foar sa'n fûns. (*Hy stekt de piip eris oan, in koart kalken eintsje mei in bosk jean omwûle en seit:*) 'k Woe wol, dat dokter mar hast kaem. (*hy ropt wer:*) Beits! . . . Bei! . . . eits! . . . Bei! . . . ei! . . . eits!!!

Beitske, (*komt op.*)

Ja, Rjuerdom, der bin ik al . . . hwet moat ik?

Rjuerdom.

Oumeitsje, hear! . . . as de divel oungeitsje!

Beitske.

Ja, mar den moatte jou my net de hieltyd roppe, den kin ik net oungeitsje.

Rjuerdom.

Dat seil ik ek net dwaen, astou mar skrepste. (*Beitske wol wer hinne gean en is al wer by de doar; Rjuerd ropt hjar werom en seit.*) Hear ris efkes, Beits! binne dy arbeidsters hjir al?

Beitske, (*komt twa stappen neijer.*)

Ja, Rjuerdom, dy binne al drok oan 't wirk. (*ôf.*)

Rjuerdom, (*ropt hjar yet ris werom.*)

Beits! Bei! . . . eits!! Bei! . . . ei!! . . . eits!!!
(*Beitske komt wer op.*) Beits! hear noch ris efkes . . . komt dokter hast?

Beitske, (*koart wei.*)

Ei ja, Rjuerdom! . . . Lys het nei him ta wêst en dy is mei 't boadskip werom komd, dat 'r dalik komme scoe.

Rjuerdom.

Bêst hear, Beits; . . . nou mar wer twa lange stappen mei ien koarten, hear! (*Beitske prottelt en grommelt hwet yn hjar sels, dat men net forstean kin en giet ôf.*)

Rjuerdom, (*allinne.*)

Nou, nou! hwet seil dat joun in grap wirde, hwet seil Gjalt raer sjean, as 'r heart, dat ik testemintsje wol; 't is mûlk wol net sa 't heart, mar dat is net oars; . . . lit him sa frôm wêze as 'r wol; hy het net better oan my en oan myn earne sister fortsjinne. (*Hy giet oerein.*) As dokter my nou mar helpe wol, . . . ik moat wol ris efkes sjean as 'r hast komt. (*Hy giet in mannich stappen foart, sa 't liket om nei de doar to gean, mar op healwei bliuwt 'r stean,*

bitinkt him efkes en komt werom.) Jonge! as ik my nou dalik mar ris siik hâlde, as dokter ynkomt, den koe ik dy earst noch ris foar 't lapke ha; hwet seil dy ek taei sjean; hwent dy wol my wol as klant bihâlde; it is mar krekt sa as Beits seit: oan 'n libben minske is noch hwet foar him to fortsjinjen . . . Dy Beits is net gek, hear, dy kin spikers mei koppen slaen . . . Jonge, hja moat my efkes helpe om my eris in tige siik oansjean to jaen . . . ik seil hjar roppe. (*Hy strampelt wer nei de doar en ropt:*) Beits! Bei! . . . eits!! Bei! . . . ei!! . . . eits!!! . . .

Beitske, (*komt op en seit tige hoarnich:*)

Nou, hwet is 'r nou wer.

Rjuerdom.

Hear ris, Beits! dou moaste my efkes helpe.

Beitske.

Jonge, Rjuerdom, dat kin net mear, den krije wy nea de boel ré; as dokter hjir strak is, den habbe jimme ek wer in bulte fiven en seisen, dat kin ik wol tinke en den kin ik ek wer neat dwaen.

Rjuerdom.

Dou hoechste ek neat mear to dwaen, Beits; ik haw der nou ris aerdichheid oan om tige siik to lykjen al foar dat dokter hjir is, den haw ik dy mei iens eris to fiter. Ho mear de boel hjir nou troch enoar leit, ho better; hwent dêr in swiere sike oan hûs is, dêr heart ek de hûshâlding yn ûnstjûr to wêzen.

Beitske.

Ei, Rjuerdom, hwet ha jou hjoed brike setten yn 'e holle.

Rjuerdom.

Dat liket dy nou sa ta, mar joun seilste wol oars prate, as alles ris ôfroun is. Dou wiste wol, Beits, immen dy tige siik is, dy bigjint om testemintsjen to tinken en as

ik nou joun myn testemint ek ris meitsje wol, den scilste
'r gjin skea fen habbe, aste myn sin dochste.

Beitske.

Fy! Rjuerdom, sok raer praet, men scoe der sikerwier
griselich fen wirde, . . . mar hwet wolle jou den dat ik
dwaen scil?

Rjuerdom.

Dat scil ik dy sizze: ik gean yn de briedstoel sitten,
mei de sliepmûtse op; den moastou my alhiel mei kjessens
opstoelje, lyk as min in sike docht; earst moat 'r in kjes-
sen yn 'e stoel lizze en de oare triuwste, hwerste se bêst
kwyd wurde kinste, efter de rêch, ûnder de holle en sa
mear; den krigeste twa tekkens; de iene dêrfen hingeste
my oer de skouders en de oare om 'e skonken en ho mâl-
der it den liket ho better . . . Nou wist it en nou mar
gau oan 't wirk, hwent dokter scil wol hast komme; krij
earst myn sliepmûtse mar ris en bêdkjessens.

Beitske.

Jonge, jonge, Rjuerdom! dat kin nea, dat is al to gek;
scoenen wy der gjin kwea oan dwaen?

Rjuerdom.

Hwet seistou! kwea der oan dwaen? . . . en ik bin just
op wei om dizze en jinge by testemint hwet goed to dwaen!

Beitske.

Nou, jou scille jo sin ha . . . sju der! (*Hja kriget kjes-
sens, de sliepmûtse en hwet 'r mear wêze moat; hja leit
in kjessen yn 'e stoel en seit:*) Dêr is al ien kjessen en
dêr is jou sliepmûtse, set dy nou mar op en gean
mar sitten. (*Rjuerdom docht nou syn âlde hoed
ôf en lûkt him oan de eagen ta yn 'e sliepmûtse, hwêr de
lokken griis hier noch ûnderwei hingje; dêrnei triuwt
Beitske him hast alhiel ûnder 'e kjessens en hinget de tek-
kens om him hinne; hja laket ûnderwiles dat hja 'r oer
skoddet.*)

Rj u e r d o m.

Hwêr lakest dou sa om, Beits?

B e i t s k e.

Wol, ik moat laeitse, sa mâl lykje jo nou.

Rj u e r d o m.

Mar dat is to gau, fanke! sa lang as ik libje is 't tiid fen skriemen, . . . as ik dea bin, den wirdt it tiid fen laeitsjen, hear!

B e i t s k e.

Ei, jou moatte net sa mâl, Rjuerdom, 't scoe wêze, dat men nei jo ein forlange.

Rj u e r d o m.

Tinkste dat 'r sokke net binne, Beits?

B e i t s k e.

Dat wit ik net; mar ik wit wol dat 'r folle mear binne, dy 't jou graech yn 't libben hâlde.

Rj u e r d o m.

Ei kom, hwa scoenen dat wêze?

B e i t s k e.

Dat binne dy earme widdouwen en weeskes, dy 't jou yn stiltme sa'n goed dogge.

Rj u e r d o m.

Hm . . . soa! . . . nou, it is hwet, om sa'n earme divel eris in pear cinten to jaen.

B e i t s k e.

En dat 'r by komt . . . it oare wit ik wol, . . . leau mar frij Rjuerdom, dat 'r nei jou dea folle mear triennen fen rouwe rolje scille as fen bliidskip.

Rj u e r d o m.

Soa, tinkstou dat? . . . nou, it is dêr neat minder om, wol 'k leauwe; mar siz eris Beits! lykje ik nou wol tige siik to wêzen? . . . de holle noch hwet mear hingje litte, tink ik, sjoch sa: (*hy lit de holle âlhiel sakje*) sa is 't better oars net? . . . Nou moaste mar útsjean as dokter

ek komt, en sa gau aste him sjochste, moaste it my sizze, den hoech ik net sa lang oan ien tried wei to hingjen; dêr scoe min wrachtich de koarts fen krije.

Beitske.

Ik seil dwaen hwet jou sizze, hear Rjuerdom! (ôf.)

Rjuerdom, (ropt hjar efternei.)

Beits! Bei! . . . eits!! . . . hear ris efkes, (Beitske komt werom) as dokter yn 'e hûs komt, den moaste hjir ek wêze, hear! en den moaste tige taei sjean en my drinke litte út in kopke, wylste my de holle optilste. (Beits draeit hjar om en giet laeitsjende hinne; Rjuerdom ropt hjar efternei :) Beits! de divel seil dy helje, aste net oppaste, hear!

Rjuerdom, (allinne.)

Ik hoopje mar, dat dokter nou gau komt, hwent sa kin ik it net lang úthâlde, min scoe fen binauwdheid smoarre, sa sit ik 'r ûnder stoppe. 't Seil my ris lêste, hwet dokter hjir fen sizze seil; as 'r net sjocht, dat it allegearre koal is, den is syn hiele dokterjen neat wirdich.

Beitske, (komt wer op.)

Dêr komt dokter oan, Rjuerdom! hâld jo nou mar tige siik, hear!

Rjuerdom.

It seil oan my net lizze; pas dou sels mar op, hear Beits! (Dokter komt op, set syn stôk yn 'e hoeke fen 'e keamer en de hoed op in stoel; ûnderwiles hâldt Beitske mei de iene hân Rjuerdom syn holle fêst en lit him mei de oare út in kopke drinke; Rjuerdom sykhellet tige swier.)

Dokter.

Dei, mei'noar; . . . ho is 't, Rjuerdom? (Rjuerdom bigjint to gransjen, mar it kin gjin praten hjitte; dokter freget nou oan Beitske, wylst hy Rjuerdom by de pols kriget :) Honear is dat mei de âldman bigoun, Beitske?

Beitske, (*wylst hja de eagen fen dokter ôfdraeit, omdat hja it laeitsjen net goed litte kin.*)

Fen 'e moarn sa mar yn ienen, dokter; hy klage earst, dat 'r hwet dûzelich wier en do is 't mar yn ienen misgien; . . . scoe 't slim wêze, dokter?

Dokter.

Nou, it is net sa bêst, mar wy binne 'r gau by; Rjuerdom moat nedich litten wurde, oars koe 'r wol in biroerte krije, . . . helje mar gau in greate kop, dêr in healkanne bloed yn kin, den seil ik him ûnderwiles de mouwe opstrûpe en in bân om de earm dwaen. (*Rjuerdom biggint hjirop tige taei to sjean. Beitske giet om in kop en dokter makket Rjuerdom's earm bleat en docht de bân dêr om. Beitske komt nou mei in kop werom en sjocht al sa frjemd, hja wit hast net ho hja hjar hâlde seil, de grap rint hjar fierdernoch. Nou hellet dokter in ûnbidich great mês ta de bûse út en wiist dêrmei nei Rjuerdom syn earm, krekt as 'r der yn snije seil, mar nou wirdt it Rjuerdom to slim.*)

Rjuerdom, (*springt oerein.*)

Sa om de divel net, dokter! ik lit my hjir net troch jou slachtsje, hear! (*De tekkens en kjessens fleane wit wer eane en de stoel fâlt om.*)

Dokter, (*wylst 'r laket dat 'r skoddet.*)

Genezen, hear! yn ienen genezen! dat falt my enôch mei. (*Nou laeitsje alle trije, dat it hwet docht.*)

Rjuerdom, (*wylst 'r dokter de earm ta rikt.*)

Meitsje nou dy bân ek mar wer los, dokter; hwent dat is foar den divel net mear út to stean. Do jou niis dy bân sa stiif oanlûkten, gong it my al slim enôch, ik tochte: nou, it is goed, dat ik nin kou bin, hwent dy wirdt, as

hja litten wirde seil, de bân om 'e hals boun [en as 'r den ek sa oanhyst waard, den scoe 'r gau alhiel stilstân yn 't bloed komme.

Dokter, (*noch laeitsjende, makket de bân los.*)

Ik seach dalik wol, Rjuerdom, dat jou in grap mei my hawwe woenen en do koe ik it net litte om jo dêrfoar efkes to kastijen.

Rjuerdom.

Nou, ik nim it jo net kwea, dokter; ik hie net better oan jou fortsjinne en dôchs moeit it my heislik, dat jo sa gau seagen, dat myn siiktme neat oars as koal wier. Beits en ik mienden, dat wy 't sa knap oprêdden hienen en nou liket it wol, dat it neat jaen kin. (*tsjin Beitske.*) Dou kinste nou dy boel wol wer opbergje, hear Beits! ik hoech it nou joun net wer to brûken.

Beitske, (*docht dat en seit ûnderwiles:*)

Ik leau, dat it ek mar better is, Rjuerdom; fij, sokke grappen binne al to gek.

Rjuerdom.

Dat seil ik witte, hear! dêr hestou neat yn to sizzen... en nou pak op mei de boel, sjoch datste hjir wei komste... mars, siz ik dy!... ik haw hwet mei dokter allinne to praten; dou hoechste net earder wer to kommen as ik dy rop.

Beitske, (*wylst hja giet.*)

Dat seil net lang dêrje, wol 'k leauwe.

Rjuerdom, (*tsjin dokter.*)

Hwet seit se der, dokter? ... Beits wol jimmer itlêste wird ha.

Dokter.

Och, hja grommelt mar hwet, dat binne jimme ommers wel fen 'noar wend!

Rj u e r d o m.

Ja, it is ek sa . . . Beits is oars in tige bêste hûshâldster foar my, dokter; mar och, elts het wol ris hwet; elts het syn lekken en brekken, ik seil mines ek wol hawwe, tink ik . . . min moat dy mar hwet oer 'e holle sjean, oars net?

D o k t e r.

As dat hwet mear barde, Rjuerdom, den wier 'r lang sa folle getsjier net yn 'e wrâld.

Rj u e r d o m.

Dat leau ik wol mei jou . . . mar jonge noch ta, nou haw wy troch myn siik wêzen de smokerij forjitten. (*Hy springt oerein, giet nei de doar en ropt:*) Beits! Bei! . . . eits!! . . . Bei! . . . ei!! . . . eits!!!

B e i t s k e, (*komt op.*)

Hwet is 'r nou wer?

Rj u e r d o m.

Dou moaste in piip foar dokter helje en tabak en sigaren en swevelstokken en in koaltsje fjûr yn 't oanstekkerskomfoarke, en ek hwet gau, hear!

D o k t e r.

Ei, Rjuerdom, dat hoecht net, sa lang haw ik nou gjin tiid. (*tsjin Beitske*) Lit mar wêze, Beitske!

Rj u e r d o m.

Beits! dou heste wol heard hwet ik sein ha, oars net? (*Beitske giet foart, hellet it jinge Rjuerdom hjar hjitten het en leit dat stils wijend op 'e tafel, dêrnei giet hja ôf; Rjuerdom tsjin dokter:*) Stek nou ris oan, dokter!

D o k t e r.

Ik haw wrachtich gjin tiid dêrfoar, Rjuerdom.

Rj u e r d o m.

Dy tiid moat 'r ôf, hwent ik haw hwet mei jou oer to lizzen, dêr tige driuw by is; dêrom haw ik my ek siik hâlden . . . ik wiste wol, den kamen jou hwet gauwer...

oars hie it wer jountyd wurden; mar der komt my hwet yn 't sin, ik haw ek noch forjitten om in slokje opsette to litten; . . . 't is by jou ek noch foar iten, net dokter? Nou, ik haw ek noch neat hawn, fen sels as men sa siik is den yt men net. (*Hy giet nei de doar en ropt wer*) Beits! Bei! . . . eits!! . . . Bei! . . . ei!! . . . eits!!! (*Beitske komt op, mar seit neat.*) Hear ris, Beits! dou moaste ek noch in slokje opsette, (*tsjin dokter*) „madera” dokter? ef in „bitterke,” hwet seil 't wêze, ef oars hwet?

Dokter.

Ei, Rjuerdom, jy moasten neat helje litte, dat jout Beitske ommers mar in hiele bulte droktme.

Rjuerdom.

Hear ris, dokter! der kinne jou nou net foar wei . . . en hwet dy droktme oangiet . . . Beits is myn tsjinstfaem, dy moat my bitsjinje sa 't ik it hawwe wol, dêr leanje ik hjar foar. (*Tsjin Beitske:*) Beits, dou seste mar fen' alles op, hear! den kin dokter krije hwet 'r ha wol. (*Beitske docht stilswijend hwet hjar hjitten wirdt en set madera, jenever, sûker en bitter op 'e tafel. Rjuerdom wer:*) Nou dokter, hwet scille jo drinke?

Dokter.

As ik 'r net frij fen kin, den moat ik mar in glêske madera ha.

Rjuerdom.

Moai sa en ik hwet bitter, dat past better yn in boere-mage . . . stek nou ek ris oan, dokter! (*Nou jît Rjuerdom dokter in glês madera yn en him sels hwet bitter jenever; dokter stekt ûnderwiles in sigaer oan, dêrop nimt Rjuerdom syn romer op en seit, wylst 'r mei dokter klinkt:*) Op jou sounheid, dokter!

Dokter.

Tank jou, Rjuerdom, op jou betterskip. (*Hja drinke eris en drinke yet eris en hâlde dêrmei mar oan ûnder hjar*

petear, wylst Rjuerdom mar iederkear de romers wer fol jit.)

Rjuerdom.

Dy betterskip, dokter, dy 't jou miene, dêr bin ik net sa bliid mei; jou seagen nei myn sin mar al to gau hwet my skeelde.

Dokter.

Dat leau ik wol, jou hiene my wol graech eris tige foar 't lapke hawn, oars nou?

Rjuerdom.

Né, dêrom just net, dokter . . . ik woe joun mei oaren eris in grap hawwe, troch my siik to hâlden; mar to divel! as it den sa gau útkaem, den wier it in rare boel. Dêrom tocht ik: lit it my earst ris my dokter weagje, as dy net sjocht, dat it gekheid is, den sjocht in oar it ek net, en den hie ik 'r gerêst ûnder wêst.

Dokter.

As 't dêrom to dwaen is, Rjuerdom, den kinne jo it noch wol weagje, hwent do ik yn 'e keamer kaem, tocht ik earst sikerwier, dat it net bêst mei jou wier, sa raer likene jou, mar do ik jo by de pols krige, fiede ik al gau dat it lak wier.

Rjuerdom.

Den scoe immen, dy gjin dokter is, it net fornimme scille?

Dokter.

Wol né, dat liket 'r neat op.

Rjuerdom.

Den seil de grap joun dôchs troch gean en den moatte jou my dêrta helpe, dokter!

Dokter.

Nou noch moaijer; . . . 't is myn wirk om sike minsken soun to meitsjen en nou moat ik in soun minske mei siik meitsje! . . . dat is krekt tsjinstridich.

Rjuerdom.

Dat is wier, . . . dêr ha jou gelyk oan, mar ik wol jo

foarôf de hân 'r wol op jaen, dat ik mei dy grap neat oars as goed yn 't sin ha.

Dokter.

As jou dat sizze, Rjuerdom, den leau ik jo wol; ... mar as ik jo helpe scil, den moat ik dôchs hwet mear witte.

Rjuerdom.

Den scil ik it jo sizze; ... do jou hjir de lêste kear wieren, hadde jo my fen de siiktme forteld fen Smids Feikje, foartkomd nei jo tinzen út in forbeane frijerij mei myn omkesizzer: Rjuerd Gjalts . . . Ik bin dêr letter better mei op 'e heechte kommen, hwent Rjuerd het oan my syn need klage en my sein, dat syn heit it mar hiel net lije woe, dat 'r mei Feikje frijde; en omdat 'r net fen hjar ôfsjean koe, het 'r my frege as ik him net helpe woe . . . Do haw ik earst ris nei Feikje fornômd, hwet fanke as it wier en dat kaem krekt sa út as jou sein ha, dokter; it moat in tige bêst, sedich en oppassend fromminske wêze, dy it wol wirdich is, dat it hjar goed giet. Om nou to foarkommen, dat it Rjuerd en Feikje gean scoe, lyk as it ús gien is . . . (*hjiir faget Rjuerdom in trien út syn eagen*) dat is to sizzen, dokter, lyk as it my gien is, do ik jong wier (*dokter, ek oandien, jout Rjuerdom stilswijend de hân*) haw ik by Gjalt myn bêst dien om him ta tajaen to biwirkjen; mar lak, hear, it like him 'r neat nei om tawird to jaen. Och! och! hwet kriich ik de wyn fen foaren, it reinde bibelteksten, ik wit net, hwêr earne hy se allegearre weihelle; en 't eintsje-bislút wier, dat 'r it nea tastimme scoe, dat Rjuerd boaske mei dat fanke fen 'e smid, omdat hja mar in melappe wier en fier ûnder Rjuerd syn stân en dêrby de dochter fen in kearel dy gemien enôch wier om him, Gjalt sels, búten doar to smiten. Ik bin do mar foart gien, hwent dêr wier neat tsjin to praten, howol ik de divel yn hie fen lilkens. Dat is foar twa dagen bard; en nou haw ik der to moarne in

brief fen Gjalt oer hinne krige dy 't net súnich is . . . hjir is 'r, lêz him eris, dokter, (*hy joutw dokter de brief oer dy op 'e tafel leit*) den kinne jou sels eris sjean hwet skobbert hy is. (*Dokter kriget de brief oan en sjocht dy yn; Rjuerdom wer:*) Hy easket 'r neat minder fen my yn, as dat ik meiwirkje moat om Rjuerd fen 'e forkearde wei ôf to hâlden; ik haw dêrta de macht, seit 'r, troch Rjuerd to drigen mei ûntervjen en bin dat oan de eare fen myn sibben forplichte.

Dokter, (*nei dat 'r de brief yn-sjoen het, jout dy wer oan Rjuerdom oer en seit:*)

Nou, nou! hwet in tale net?

Rjuerdom.

Ja, is 't net heislik! scoe min net divels wirde! . . . Earst het 'r myn sister, der 't er mei trouw wêst het, it libben sa sûr makke, dat hja fen fortriet stoarn is en nou seil 'r myn sisters soan, dy bêste jonge, it libben sa lêstich meitsje; en dat noch wol ûnder de skyn fen frommens, howol ik wit, dat jildsûcht allinne him dêr ta driuwt. Mar nou seil ik him joun eris to pakken ha, troch my siik to hâlden en den scille jo eris grappen sjean, dokter! Mar nou moatte jou my helpe . . . 't Is om it jild, dat Gjalt gjin tawird jaen wol, . . . ik seil mei it jild him dêrta twinge.

Dokter.

En hwet wolle jo den, dat ik dwaen seil, Rjuerdom?

Rjuerdom.

Jou hoege oars neat to dwaen as de ljue yn 't gelove to bringen, dat it tige min mei my is.

Dokter.

Mar ik kin de ljue dôchs net bêst in leugen fortelle, Rjuerdom!

Rj u e r d o m.

Dat hoecht ek net, dokter; dat arbeiderswiif, dy 't jou hjir bean het, seil it wol oeral forteld ha; as min hwet oan 'e klok hingje wol, den moatte sokke froulju it earst witte. Dêrby bliuwe jou hjir nou hwet heel lang, langer as min fen jo wend is; dat jout al wer skean each; en tink 'r nou ris om, as jo strak wer yn 'e bûrren komme, den steane 'r al in hiele bulte ljue ré, om jou to freegjen ho it mei my is . . . Den hoege jou oars neat to sizzen, as: hy libbet noch, en sa lang 'r libben is, is 'r noch hope. Den liege jo net en de ljue scille den dy tried wol fierder útspinne. It lit den gjin twivel, Gjalt komt hjir sa gau as 'r 't nij's heart, hwent fen sels, hy wol 'r by wêze, as ik opstap; forearst, om my yn de lêste ûre noch ta bikearinge to bringen en oard, om as it mei my dien is, dalik de kaeijen oer to nimmen, sadat nimmen de boel bistelle kin. (*Hy laket eris en seit:*) Nou, dokter! hwet sizze jo dêrfen?

D o k t e r.

't Is moai bitocht . . . ik seil jou helpe . . . dy grap is oan de rjuchte bisteld.

Rj u e r d o m.

Den komme jo joun ek wer, dokter! jou moatte dêr by wêze, hear!

D o k t e r.

Dat seil ik dwaen, Rjuerdom, den moat ik nou margau foart; ik haw noch hwet droktme, dy wol ik earst graech ôfdien ha, myn oare siken kinne der net ûnder lije. (*Hy giet oerein, stekt syn romer leech en seit, wylst 'r Rjuerdom de hân jout:*) Dei, Rjuerdom; it bêste joun mei jo siiktme, hear!

Rj u e r d o m.

Ek goeden dei, dokter! en it bêste oan 't joun ta; mar hear noch ris efkes, jou meitsje joun net wer tarissing om

my to litten, oars wol? . . . As ik dat greате mês sjoch, den rint my de grize oer de grouwe en den kin ik my nea goed hâlde.

Dokter.

Né, Rjuerdom, dat seil ik net wer dwaen, ik wit nou wol, dat it net nedich is. (*Hja skodsje elkoar yet ris laeitsjende de hân ; dokter ôf.*)

Rjuerdom, (*allinne.*)

Si soa, nou is 't klear, hear, dokter seil my helpe; jonge! jonge! dat wirdt in grap. Gjalt seil earst yn syn eigen 'r wol bliid om wêze, as 'r heart, dat ik om myn ein sykje; mar letter, as ik testemintsje wol, den seil 'r rare eagen opsette; wy scille den eris sjean, ho 'r ûnder dat ûntervjen stiet . . . Kom, nou moat ik earst hwet ite; ik haw in aerdich sûpke hawn; as Beits nou noch hwet pankoekjes foar my hie, dat scoe my net sa min talykje; ik moat it joun ek úthâlde kinne; dêrom earst hwet ite en den hwet sliepe. (*Hy strampelt in bytsje stuiterich nei de doar en ropt:*) Beits! Bei! . . . eits!! Bei! . . . ei!! . . . eits!!! binne myn pankoeken hast ré!!! Bei!! . . . eits!!!

Beitske, (*komt op.*)

Wol ja, Rjuerdom, dy habbe al in ûre foar jou ré stien; hwêr wolle jou ite, hjir as yn de oare keamer? As jo mar efkes yn de oare keamer ieten, tocht ik, den koe ik it hjir ûnderwiles hwet oprêdde.

Rjuerdom.

To den mar, den bin ik ek tichte by 't bêd; ik moat nei iten in lyts knipperke ha, Beits; ik bin leau 'k in bytsje dronken; woste my efkes stypje as ik nei de oare keamer gean?

Beitske.

Myn goede gunst, Rjuerdom! hawwe dokter en jou sa sûpt?

Rjuerdom.

Ei né, dat is oars net sa slim gien; ien fen beiden moat

wier wêze: dokter kin mear hawwe as ik ef madera dêr sit neat gjin kreft yn; wy habbe beide like faek de romers fol hawn en dokter roun 'r noch like rjucht om; mar ik net, hear; jonge, Beits! hwet stjitte my de skonken oan, dou moaste my hwet stypje, hear! (*Beitske nimt him nou yn 'e earm en beide geane ôf; nei in amery komt Beitske wer op.*)

Beitske, (*allinne.*)

Nou, nou, sa haw ik Rjuerdom yn lang net sjoen, de âlde is hjoed wer rare los, earst mei dy grappige siiktme, ha, ha! dat gong oars moai, hy scoe dokter eris by de noas ha en dokter die it yn pleats him; en nou het 'r sikerwier in bytsje tofolle preaun; dat iten scil ek hwet wirde; hy scil wol gau op bêd lizze to snoarkjen; . . . nou, den haw ik ek eris in bytsje rêst . . . Kom, nou moat ik earst dy flessen en romers mar wei bergje en den kin Lys de keamer wol hwet rêdde, ik gean den hwet yn Rjuerdom syn stoel sitten to rêsten. (*Hja nimt de maderaflesse en sjocht dêr tsjin oan, wylst hja dy omheech hâldt.*) Dêr liket net folle kreft yn dat goed to sitten, seit Rjuerdom; nou ik wol it ek wol leauwe, hwent dokter het 'r in aerdich hapke útnomd, scoe 'k sizze, . . . den scil ien romerke fol my ek gjin kwea dwaen. (*Hja jit in romerfol yn en bringt it oan 'e mûle, mar nou ropt:*)

Rjuerdom, (*út 'e fierte mar sûnder op to kommen.*)

Beits! Bei . . . eits!! Bei! . . . ei!! . . . eits!!! (*Beitske wirdt dêrfen sa heislake kjel, dat hja yn ienen it hiele romerfol madera troch slokt en dalik gjin andert jaen kin.*)

Rjuerdom, (*komt nou om 't hoekje fen de doar kypjen en seit, wylst 'r him oan de doar fêst hâldt:*)

Beits! hearste my net, as wolste my wer net hearre!

Beitske, (*stjitterich.*)

Ja wol, Rjuerdom! . . . ho s . . . scoe . . . ik jou n . . . net . . . hearre wolle! . . . ik hie k . . . krekt . . . de flesse . . . yn 'e h . . . hân, om dy w . . . wei . . . to bergjen . . . en dy koe ik . . . dôchs n . . . net . . . delsmite, oars wol?

Rjuerdom.

Ik tochte, datstou nou ûnder in bitterke sieste en datste dêr sa gau net by wei komme koeste.

Beitske.

Né, sikersonk net, Rjuerdom! fij! ho komme jou 'r by . . . ik oan 'e bitter . . .

Rjuerdom.

Nou, hear den ris efkes . . . myn siiktme giet hjoed troch, hear, en dou moaste alles dêrfoar ré hâlde, krekt allyk as fen 'e moarn, en goed útsjean, hear! as 'r folk oankomt, den moaste my dalik roppe; de divel seil dy helje, aste net oppaste, hear Beits! (*ôf.*)

Beitske, (*ropt him efternei.*)

Jou scille jo sin ha, hear Rjuerdom, ik seil wol oppasse. (*allinne.*) De âlde seit de hieltyd: de divel seil dy helje, hear; mar as de divel Rjuerdom sels hjoed net to pakken het, den wit ik 'r neat mear fen. (*Hja berget nou de flessen en de smokerij fen 'e tafel ôf en seit ûnderwiles:*) Dat seil hjir hjoed wer in droktme jaen, it is goed, dat ik oan Rjuerdom syn streken wend bin, oars wier it net om 't út to hâlden; nou, as 'r joun fen syn siiktme net mear eare het as fen 'e moarn, den jout him dy grap net folle. (*Hja het de boel hwet oprêdden en rôpt nou oan 'e doar:*) Lys! Ly! . . . ys!! kom hjir ris efkes.

Lys, (*komt op.*)

Hjir bin ik al, Beitske, hwet moat ik.

Beitske.

Jou moatte de keamer mar hwet oprêdde, den gean ik

hwet yn de briedstoel sitten, sa lang as Rjuerdom stil is, ik kin it oars net fol hâlde.

L y s.

Der habbe jou gelyk oan, Beitske; . . . sa'n âld man jout oars al in bulte droktme en by siiktme binammen; nim jo rêst mar in bytsje, wy kinne it nou wol rêdde, it wirk is efter al hast ôfdien.

B e i t s k e.

Wolle jou den earst tsjin Sibbel sizze, dat hja tige út-sjean moat as 'r ek goeds oankomme? . . . Sa gau as se immen oankommen sjocht, moat se my warskouwje.

L y s.

Ja, kom, den seil ik dat earst dwaen. (*Lys ôf en Beitske jout hjar yn 'e briedstoel del en bigjint al gau de holle hingje to litten en to snoarkjen. Lys komt wer op en sjocht earst eris as Beitske al sliept; dêrop seit hja:*) Nou, dy het 'm foar goed beet, hear! (*Hja set de stoellen torjuchte en faget it hûs oan en seit ûnderwiles:*) Dat sloof het hjir ek al net folle, hja seil it wol goed habbe fen iten en drinken, to minsten as ik yn hjar plak wier, den scoe ik wol meitsje, dat ik it goed hie; mar it is oars ek al net folle om jimmer mei sa'n grommelich âld man om to gean. In arbeiders-hûshâlding is net alles, foaral net, as men sa'n keppel bern het lyk as ik; mar om âldfaem to wêzen, dat liket my ek al net sa bêst ta. Ik leau, ljeaver bliuw ik noch mar dy 't ik bin, as haw ik it den ek hwet minder fen iten en drinken. Ik haw fen Smids Feikje leard, dat it yn in arbeiders-hûshâlding ek hwet oars kin, as ik it earst oanlei en nou is myn man ek folle better tsjin my. It giet by Sibbbel en dy ek sa . . . o! hwet habbe wy hwet oan dy bêste faem to tankjen en nou moat dat stumper sels sa lije en dat troch dy fine, gjirrige Gjalt . . . Och! och! ik kin it my nea sels forjaen, dat ik hja sa wol birabbe ha.

S i b b e l, (*komt haestich op en seit :*)

Beitske ! Beitske ! dêr komt in hynsder en wein oanriden en in ein fierder komme Gjaltboer en syn soan it paed lâns rinnen.

B e i t s k e, (*springt oerein en wriiwt de sliep út 'e eagen ; dêrnei seit hja, wylst hja noch gappet fen sliep :*)

Gean jimme den mar nei efteren en pas op, dat se jimme net sjogge, hja mochten eris miene, dat Rjuerdom al wei wier. (*Lys en Sibbel ôf, Beitske allinne, seit :*) Kom, nou wirdt it ek tiid, dat ik Rjuerdom rop, hy het oars noch mar in koart sliepke hawn ; Gjaltboer liket al haest to hawwen, hy komt gauwer as ik tocht hie, mar it moat nou mar net oan my lizze, as de grap net goed biteart. (*Beitske ôf, mar nei in amery komt hja wer op, mei Rjuerdom, dy 't de sliepmûtse noch op het, yn 'e earm ; Rjuerdom wriiwt him ek noch yn 'e eagen sa slieperich is 'r ; hy is noch lang net by de tiid ; mar nou seit Beitske :*) To Rjuerdom ! Gjalt komt 'r oan en den woenen jo siik lykje, oars net ?

R j u e r d o m, (*hy komt, nou 'r Gjalt syn namme heart, dalik ta him sels en seit :*)

To divel ja, Beits ! gau, gau, hwêr is myn sliepmûtse.

B e i t s k e.

Ei, dy habbe jou ommers noch op ; lûk jo dêr noch mar hwet fierder yn en gean den mar sitten, hjir binne de tekkens en de kjessens al. (*Hja kriget dy en Rjuerdom giet sitten en wirdt troch Beitske 'r wer ûnder stoppe, krekt as de earste kear.*)

R j u e r d o m, (*lit de holle hingje.*)

Lykje ik sa wol siik to wêzen, Beits ?

B e i t s k e.

Wol, Rjuerdom ! jou lykje wol op 't stjearen nei dea to wêzen.

Rj u e r d o m.

Ja, dat seil mei dy ek sa wol wêze, tink ik . . . ik kin mei dy al wer neat wurde, ik woe wol, dat dokter hjir mar wier; mar hwa koe tinke, dat Gjalt sa gau komme scoe, hy liket al tige happich to wêzen.

B e i t s k e.

Dokter is 'r al, dy is mei de wein kommen en seil nou earst it hynsder wol to plak bringe, tink ik.

Rj u e r d o m.

Den moaste der dalik hinne, om dat te bioarderjen en lit dokter den hjir komme, ik kin hjir nou net wei. (*Beitske ôf, wylst Rjuerdom hjar efternei ropt:*) Beits! . . . Bei! . . . eits!! net lang bliuwe, hear! (*Rjuerdom, wylst 'r nou allinne sit, hâldt him as immen dy tige siik is, hy sykhellet tige swier en kochelt, dat it hwet docht.*)

D o k t e r, (*komt op, hy sjocht Rjuerdom sitten en bigjint tige to laeitsjen; hy seit:*)

Dei, Rjuerdom! nou, nou, dat liket noch mâlder as fen 'e moarn, jou habbe 'r slach fen om jo oars foar to dwaen as jo binne; hwet seil Gjalt frjemd opsjean, hy is hjir omtrint.

Rj u e r d o m.

Soa, liket it goed, dokter? . . . kom, dêr bin ik bliid om, den is it dôchs net alhiel forkeard, dat ik to moarne hwet to folle bitter hawn ha. Ik kin jo mei in wier wird sizze, dokter, dat ik mar hwet dronken wier en dêrtroch bin ik nou yn wierheid in bytsje siik; mar dat seil ûnder de bidriuwen wol better wurde, tink ik. Ik hoech net litten to wurden, wol dokter?

D o k t e r.

Né, dat hoecht net, it seil oars wol gean, tink ik . . . hâld jo nou mar goed, hear!

Rjuerdom.

En jou ek sa, dokter! . . . stean fêst yn 'e skoën, hear!
en forried my net.

Beitske, (*komt op en tsjinnet Gjalt oan mei syn soan.*)

Dokter! Gjaltboer is 'r mei syn soan, Rjuerd, mei ik dy wol by Rjuerdom talitte?

Dokter.

Nou ja, dat kin al, mar de âlde moat net folle oanspraek ha, moat jo sizze. (*Beitske wjuwt nou mei de hân ta de doar út en foart dêrnei komme Gjalt en jonge Rjuerd op, de lêste mei in tige drovich úterlyk; Beitske rint hwet hin en wer.*)

Gjalt, (*tige kliemerich.*)

Dei jimme, ho is it mei de sike, dokter? (*Dokter lûkt oan 'e skouders, mar seit neat. Gjalt wer:*) Is 'r noch by syn forstân, dokter? Dêr is, scoe 'k tinke, foar syn libben gjin hope mear; wier 'r nou noch mar hope foar syn earme siele. (*Dokter lûkt wer oan 'e skouders; Gjalt wer:*) Praet 'r ek ris oer syn sieletastân, dokter? (*Dokter skodhollet fenné.*)

Rjuerd Gjalt, (*wirdt it nou to slim, hy boarst yn triennen út, falt foar omke op 'e knibbels, kriget omke by de hân en seit:*)

O, omke! myn omke! jou moatte noch net hinne gean, wy kinne jo noch sa min misse, omke! (*Dat docht omke tige goed; koe 'r him by de fragen fen Gjalt hast net yn-hâlde fen likkens, nou slacht 'r de eagen op en triennen rolje him oer 'e wangen; hy fielt it, dat to minsten jonge Rjuerd net nei syn dea forlanget; hy sjocht Rjuerd tige goedlik oan, wylst 'r by him sels in eed docht, dat 'r him helpe scil en knypt him dêrom yn 'e hân; foar sa'n slimme sike wol hwet al to hird, hwêrom jonge Rjuerd den ek mei forwûndering nei Omke opsjocht; hy hâldt him lykwol stil.*)

Gjalt, (*wylst 'r syn soan by de earm kriget en by Omke weilûkt.*)

Rjuerd! dou moaste dy sa net oanstelle, wy moatte om-mers tofreden wêze mei it jinge de Heare oer ús biskikt; as it Syn wille is, dat Omke hjir wei moat, den moatte wy ús der ûnder del jaen. As ik mar wiste, dat 'r goed oanlânje mochte, den koe ik syn hinnegean wol skikke, der wirdt hjir net sa folle oan him forlern . . . Ik moat eris efkes mei him prate, dat kin wol, wier dokter? (*Dokter knikt mei de holle fen ja; Gjalt giet nou by Rjuerdom op in stoel sitten en nou fâlt him it each op 'e kaeijen dy by Rjuerdom op 'e tafel lizze, hy kryt dy en wol se yn 'e bûse stekke.*)

Beitske, (*sjocht dat en seit foarswei.*)

Hou Gjalt! dat binne Rjuerdom syn kaeijen. (*Dokter draeit him om, omdat 'r it laeitsjen hast net litte kin en jonge Rjuerd docht de bûsdoek foar 'e eagen sa skammet 'r him oer syn heit.*)

Gjalt.

Ja, mar Beitske! as de âlde 'eris gau mei hinne giet lyk as it wol liket, den wier it mar better, dat ik de kaeijen hie.

Beitske, (*lilk.*)

Hjir de kaeijen, siz ik; . . . de âlde libbet noch en sa lang as 'r libbet seil 'r hjir ek baes bliuwe. (*Gjalt hâldt lykwol de kaeijen noch yn 'e hân, mar nou seit âlde*

Rjuerdom, (*mei in swakke stimme.*)

Beitske, de kaeijen.

Gjalt, (*jout nou oan Beitske de kaeijen oer, mar seit tsjin Rjuerdom:*)

Sweager! sweager! kinne jou sa alhiel op 't eintsje fen

jo libben, noch om ierdske dingen tinke? . . . Ik kin wol sjean, dat jou noch net klear binne foar de iwichheid.

Rj u e r d o m, (*stjitterich.*)

Né, dat bin ik . . . ek net . . . ik haw . . . hjir earst noch hwet . . . to dwaen . . . De notaris . . . moat komme! . . .

G j a l t, (*mei forbazinge.*)

Hwet scoe de notaris hjir dwaen! bikommerje jou nou net mear om jo ierdske goed; dat rêdt him fen sels.

Rj u e r d o m.

Ja, mar dat rêdt him . . . den net . . . sa as ik . . . it habbe wol . . . ik wol . . . testemintsje . . . (*jonge Rjuerd ôf.*)

G j a l t.

Jou testemintsje! ho komme jo dêr by, Rjuerd, dat is ommers net nedich; de wet stelt my, ef ljeaver myn soan, ommers dôchs as ienichste erfgenaem yn it bisit fen jou goed.

Rj u e r d o m.

De notaris . . . testemintsje . . . gau . . . dêr is nin lang tiid mear . . . testemintsje . . . Beits! . . . Bei! . . . eits!! . . . Bei! . . . ei!! . . . eits!!! . . . de notaris! . . .

G j a l t, (*ter side tsjin Beitske.*)

Gean mar hinne, Beitske, nei de oare keamer, den is 'r mûlk gerêst en bliuw dêr sa lang as it ôfrûn is mei de âlde; it is foar jou sels ek better, dat jo der net by binne. (*tsjin dokter:*) Min kin wol sjean, dat it minder wirdt, dokter; hy is al lang net mear by syn forstân. (*Beitske bliuwt lykwol.*)

D o k t e r.

Ik kin it net fine, Gjaltboer, dat Rjuerdom net mear by syn kennis is.

G j a l t.

Kinne jou dat net fine? . . . jou, as dokter, moasten dat wol yn 'e earste pleats fine kinne, tocht ik.

Dokter.

Dat jouw ik jou ta . . . mar omdat ik it net fine kin, seil it ek wol net sa wêze . . . Ik seil fierder gean . . . De âldman is by syn folle kennis en winsket to testemintsjen; . . . dy winsk moatte wy tastean, dy kin wy mei in gerêst gewisse net tsjin wirkje . . . ik to minsten kin dat net dwaen en dêrom seil ik ien nei de notaris stjûrre. (*Hy giet opstean.*)

Rjuerdom.

De notaris . . . de notaris moat komme!

Gjalt, (*giet ek opstean en seit tsjin dokter:*)

Dokter! dokter! scille jou my nou ek noch tsjinwirkje?

Dokter.

Né, yn 't alderminst net; jou habbe like min oan Rjuerdom syn goed te sizzen as ik; lyk as jo seijen, is sûnder testemint jou soan de ienichste erfgenaem en krije jou der neat fen. Nou witte wy allegearre wol fen dy frijerij fen jou soan mei Smids Feikje en ek, dat jou der sa op tsjin binne. Rjuerdom wit dêr ek fen en is 'r mûlk ek op tsjin; nou kin it ommers bêst wêze, dat 'r syn goed op jou meitsje wol, den habbe jo yens soan better yn 'e macht.

Rjuerdom, (*it spant nou dat 'r him goed hâlde kin sa slop is 'r om dy fine set fen dokter en dêrom ropt 'r mar wer:*)

De notaris! . . . testemintsje! . . . de notaris! . . .

Gjalt, (*tsjin dokter.*)

Dêr haw ik sa net oer tocht, dokter, mar jou kinne wol gelyk ha . . . Rjuerdom het mei my oer dy frijerij praetten; hy woe do wol in goed wirtsje foar myn soan yn lizze, mar do haw ik him dy dingen eris goed ûnder 'e eagen brocht en him dêrnei noch in brief skreaun, hwêryn ik

him oanrieden ha om myn soan to ûntervjen, as 'r net fen dy smidsdochter ôfseach. Dêroan liket 'r nou yn syn lêste ûre noch foldwaen to wollen, om to minsten dêroer net mei in biswierd gewisse de iwichheid yn to gean. Dat is noch in treast foar my, al ho min ik it oars foar him to mjitte sjoch.

Rjuerdom.

De notaris! . . . testemintsje! . . .

Rjuerd Gjalt, (*komt op mei de notaris en notaris syn skriuwer; hy is dalik do Rjuerdom de earste kear om notaris rôp, foart gien om dy to heljen; hy seit wylst 'r nei Omke ta giet:*)

Dêr is mynhear de notaris al, Omke! ik haw mynhear mar gau helle. (*Omke knikt mei de holle, dat it goed is.*)

Gjalt, (*ter side tsjin syn soan.*)

Och, hwet bistou in stakker, hwet seil dy dat sûr opbrekke.

Notaris, (*giet nei Rjuerdom en seit:*)

Joun, Rjuerdom! ho is 't mei jo?

Rjuerdom.

Joun, mynhear . . . hwa binne jou . . . ik kin hast . . . net mear sjean . . . binne jou mûlk . . . notaris Pennema?

Notaris.

Just, Rjuerdom! . . . jou habbe my hjir helje litten, hwet is 'r fen jou tsjinst?

Rjuerdom.

Ik woe wol . . . testemintsje, mynhear . . . omdat ik fiel . . . dat it nei . . . de ein giet . . .

Notaris.

Dat kin wol, Rjuerdom! it is altyd goed, dat min ôfdien

wirk het, as min hjir wei moat; wy wolle lykwol hoopje, dat jo noch wer better wirde meije.

Rj u e r d o m.

Sa tinke se . . . der allegearre . . . net oer, mynhear. (*Dokter sjocht by dat sizzen fen Rjuerdom Gjalt eris oan en kin it laeitsjen hast net litte, omdat dy sa sûr sjocht.*)

N o t a r i s.

Nou, dat is dat . . . ho wolle jou jo testemint ynrjuchte ha, Rjuerdom?

Rj u e r d o m, (*langsum.*)

Ik wol habbe . . . dat myn erfgenaem . . . in plak yn 't . . . gasthûs keapje seil . . . foar myn . . . âlde hûshâldster; . . . dy het jimmer . . . bêst foar my . . . op-past . . . en het dat wol . . . oan my fortsjinne . . . Ik haw hjar . . . net altyd like . . . goed bihannele; . . . ik bin wol ris . . . hwet holderich en bolderich . . . tsjin hjar wêst; . . . ik wol . . . dat nou wer . . . goed meitsje . . .

B e i t s k e, (*is dêrfen sa oandien, dat hja forjit, dat Rjuerdom's siiktme mar in grap is, hja giet nei him ta, kriget him by de hân en seit:*)

Och! myn bêste Rjuerdom; jou habbe my jimmer goed bihannele, ik haw it altiden sa skoan by jo hawn, jou moatte noch net hinne gean, ik hoopje dat ik jo noch forskate jierren tsjinje mei. (*Min kin sjean, dat dat Rjuerdom wer goed docht, hy knypt Beitske ta in teiken dêrfen yn 'e hân; nou komt it Beitske wer yn 't sin, dat Rjuerdom net yn wierheid siik is, mar hja hâldt hjar goed.*)

G j a l t, (*ter side tsjin syn soan.*)

Dat biste al kwyd, domkop!

N o t a r i s, (*tsjin Rjuerdom.*)

En ho nou fierder, Rjuerdom?

Rj u e r d o m.

Den stel ik . . . tsien tûzen goune . . . ûnder 't bihear
 . . . fen jou en fen dokter, . . . jimme kinne . . . de
 boargemaster . . . as trêdde man . . . dêr by nimme . . .
 Mei dat jild . . . moat de groun . . . lein wirde . . . foar
 in fûns . . . hwêrút âlde en earme minsken, . . . tsjinst-
 boaden en arbeiders, . . . dy jimmer . . . bêst oppast . . .
 en hjar sels . . . rêdden ha . . . mar dat op hjar âlde . . .
 dei net mear kinne, . . . stipe wirde moatte . . . (*Notaris
 syn skriuwer sit ûnderwiles to skriuwen.*)

Gjalt, (*wer tsjin syn soan, wylst
 'r him in stomp mei de
 earm jout.*)

Dat biste al wer kwyt, domkop!

N o t a r i s.

Ho nou fierder, Rjuerdom?

Rj u e r d o m.

Myn erfgenaem . . . seil in . . . skildbikintennis fine
 . . . fen myn . . . swaeger Gjalt . . . fen toalf tûzen goune . . .
 Dêrfen is nou . . . yn jierren . . . gjin rinte bitelle . . .
 Ik wol hawwe . . . dat dêr in streek . . . troch helle
 wirdt . . . en dat myn swaeger . . . dêrom nea . . . moanne
 wirde seil . . . Ik doch dat . . . út tank . . . foar dat 'r
 altyd sa . . . bikommere wêst het . . . oer myn . . . iwich
 lok . . . (*Nou byt Gjalt him sels fen grimitigens op 'e lippen
 en wit hast net hwêr 't er hinne sjean seil.*)

Rj u e r d G j a l t s, (*ter side tsjin syn heit.*)

Dat bin ik ek wer kwyt, heit! (*De oaren moatte hjar
 wer omdraeije, omdat hja it laeitsjen hast net litte kinne.*)

N o t a r i s.

Dat is wer opskreaun, Rjuerdom! Nou seil 'r, tink ik,
 noch wol hwet wêze, oars net?

Rj u e r d o m.

Ja, mynhear! . . . dêr bliuwt yet . . . al hwet oer . . .

hwent it is my . . . altyd skoan gien . . . yn 'e wrâld . . . Ik wol hawwe . . . dat fen al . . . it oare . . . dat 'r oer bliuwt . . . ienich en allinne . . . erfgenaem wirdt . . . (*nou is 't as steane hja allegearre as mei saun pear earen to hearren*) de dochter . . . fen ús smid, . . . in goed bêst . . . en gol fanke, . . . jou kinne . . . hjar wol, mynhear! hja wirdt meastal . . . Smids Feikje neamd; . . . mear haw ik . . . neat to sizzen . . .

Rjuerd Gjalt, (*tige bliid tsjin syn heit.*)

Dat bin ik ek wer kwyt, heit, mar dat scil ik wol werom krije. (*De oaren sjogge ek tige fleurich, foaral dokter; hy giet opstean en jout Rjuerd Gjalt de hân. Gjalt allinne sjocht krekt allyk as 'r de iene op het en de oare 'r troch scil; hja sicye allegearre in amerij stil, wylst notaris syn skriuwer ûnder mynhear syn oanwizing it testemint foart ôfmakket.*)

Gjalt, (*seit einliks.*)

Mar dat is nou ommers to gek! dat is kranksinnich; it is nou ommers klear enôch, dat Rjuerd net mear by syn sinnen is, sa'n testemint kin ommers nea foar de wet bistean, mynhear!

Notaris.

Ik fyn gjin reden om mei jou gelyk to tinken, Gjalt; mar wy habbe de dokter hjir, dy kin 'r it bêste oer oardielje, lit dy it mar útmeitsje.

Dokter.

Mynhear notaris! ik forklearje, dat Rjuerdom by syn folle forstân is en hannelt mei kennis en ûnderskie.

Notaris.

Den freegje ik Rjuerdom noch eris, as 'r bliuwt by it jinge 'r sein het.

Rjuerdom.

Ja, mynhear! . . . sûnder twivel! . . .

O e g e, (*de skriuwer.*)

Den kin mynhear it testemint nou foarlêze, ik bin 'r mei ré.

Notaris.

Kom, den seil ik dat dwaen en it dêrnei mei Rjuerdom en de getsjûgen ûnderteikenje; myn skriuwer kin wol getsjûge wêze, en jou, tink ik, ek wol, wier dokter?

Dokter.

Mei alle ljeafde, mynhear notaris! (*Nou seil notaris it testemint foarlêze, 'mar nou ek smyt Rjuerdom de tekkens en kjessens fen him ôf en springt oerein as in jong kearel, hwêrfen hja allegearre, bihalve dokter en Beitske, tige kjel wirde.*)

Rjuerdom.

Jou hoege it net to lêzen, mynhear, lit it my sels mar lêze, den wit ik to minsten, dat myn lêste wille 'r goed yn stiet. (*Nou prúste hja it allegearre út fen it laeitsjen, bihalven Rjuerd Gjalt, dy wol bliid is, mar him om syn heit ynhâldt en Gjalt sels, dy sjocht as 'r de divel yn het.*)

Gjalt.

Ik sjoch nou, dat dit allegearre mar grappen binne . . . ik moat sizze, dokter, sokke gemiene dingen hie ik by lju as jou net socht. Oer Rjuerd wol ik net ienris prate, dy is dôchs forlern.

Rjuerdom.

Tinke jou, swaeger! dat it allegearre mar grappen binne? Nou ja, myn siiktme al, mar it testemint net, hear, om 'e divel net, dat is wol wettich, in 't wier mynhear notaris?

Notaris.

Sûnder twivel, Rjuerdom! en as wy it mei'noar ûnderteikene ha, den is it dalik fen kreft; jou kinne it lykwol letter wol wer oars meitsje.

Rjuerdom, (*tsjin notaris, wylst 'r syn namme set.*)

Sa om 'e divel net, mynhear! of it moast wêze, dat Gjalt

my hwet folle lêstich is; den kin ik de gunstige biskiking oer syn skild wol ris wer ynlûke. Oars is en bliuwt Smids Feikje allinne myn erfgenaem. (*Dokter het ûnderwiles Smids Feikje út 'e oare keamer wei op 't toaniel helle, sûnder dat Rjuerdom it mirken het. Feikje sjocht bidêsd foar hjar út, hja is noch wol blik, mar sjocht tige rêstich en tofreden; hja komt stapke foar, stapke oan dokter syn hân neijer; de oaren sjogge allegearre like frjemd en Gjalt en syn soan binammen. Nou Feikje hjar Rjuerd foarby komt, lit hja hjar eagen mei in striel fen ljeafde en fortrouwen op him rêste. Rjuerd Gjalt's wirdt dêrtroch alhiel biteutere. Dokter liedt Feikje sa fier, dat hja flak foar Rjuerdom stiet.*)

F e i k j e, (*hja het it lêste sizzen fen Rjuerdom heard, nou slacht hja de earmen om Rjuerdom hinne en seit flaeyend, wylst hja mei hjar goedlike eagen him oansjocht :)*)

Né, Rjuerdom! allinne net, ik kin jou erfgenaem allinne net wêse, dêr is ien, dy wol mei my diele mei, oars net? En den ek jou hannelwize tsjinoer Gjaltboer, dêr scille jo ek net wer op torêch komme, oars wol?

R j u e r d o m, (*alhiel forbûke.*)

To . . . di . . . divel, fanke! hwêr bistou sa gau wei komd . . . biste út 'e loft fallen, ef koeste it rûke, hwet hjir barre scoe? (*Nou sjocht se út forlegenheid dokter oan, dy dêr tofreden en bliid glimkjende by stiet en nou komt Rjuerdom 'r efter ho de foarke yn 'e stâl sit; hy seit :)*) O! nou sjoch ik it wol, dat is jou wirk wer, hin dokter? Jou binne de divel to slim; as min jou in heal wird seit, den kinne jo it oare allegearre wol riede . . . Nou, dit is better as litten, hear, dit mei my eris in pear blide triennen kostje, it kostet my gjin bloed. (*Hy faget de triennen ôf en seit. tsjin Feikje :)*) Dou biste

foartoan myn bern, hear, en dou kinste fen my krije hwetste woste.

Feikje.

O, myn ljeave, bêste Omke! ik scil jo iwich tankber wêze!

Rjuerd om.

En dyn earste jonge nei my neame litte, hear! (*Nou slacht Feikje de eagen foardel en de oaren laeitsje.*) Mar hear ris, dou seiste nou al Omke tsjin my, mar sa fier is 't noch net, dêr moat earst noch al hwet barre, foar dat it dêroan ta is. (*Hy nimt Feikje by de hân, bringt hjar by jonge Rjuerd en seit:*) Hjir Rjuerd, dêr heste nou dyn oansteand wyfke, hear, haw hjar ljeaf en pas goed op hjar, hwent sy is dat wirdich. (*Jonge Rjuerd wit nou net ho 'r him hâlde scil en dêrom forfolget de âlde:*) Hwet stieste dêr nou biteutere en krekt aste gjin tsien telle kinste! haw ik it nou net goed makke? . . . Dou heste my frege as ik dy helpe woe om Feikje to krijen, nou haw ik dy holpen en kinste hjar krije en nou liket it wol, dat it noch net goed is. Ik koe niis, al ho âld ik ek bin, hast net litte om Feikje to patsjen; as ik yn dien plak wier, den hie 'k hjar al lang by de farden pakt. (*Hja steane hjirby mei hjar trijen midden op 't toaniel, de oaren binne alle-gearre nei de eftergroun gien en steane der mei'noar to mûskopjen en to laeitsjen. Gjalt allinne stiet yn in hoeke nei foaren ta en sjocht stiif foar him del.*)

Rjuerd Gjalts, (*tige earnstich.*)

O, omke! ho scoe it net goed wêze, jou habbe mear foar my dien as ik ea tinke doarste; ik wit net ho ik myn tank útsprekke scil en dôchs ûntbrekt my noch hwet om yn wierheid lokkich to wêzen.

Rjuerd om.

En hwet is dat den, jonge!

Rjuerd Gjalts.

It bigruttet my sa om myn heit, omke! . . . 't Is wier . . .

heit woe it net lije, dat ik by myn Feikje kaem, mar hy hie it oars goed mei my foar . . . Ik woe nou sa graech, dat heit ek syn tawird jaen woe en dat 'r bliid wier mei ús. (*Feikje en Rjuerd steane hân yn hân en sjogge elkoar fol ljeafde oan.*)

Rjuerd om.

Nou, jonge! haw dêr mar gjin noed mear mei . . . Jimme heit woe dy ommers in ryk wiif ta ha, nou kinste sa'n ien krije en in bêsten ien dêr by. (*Hy jout Feikje hjirby in tikje op it wang, hwêrom hja him oanlaket.*) Ik doar wol wedsje, dat jimme heit nou ek wol yn syn skik is, as 'r it mar sizze wol. (*Nou giet 'r nei Gjalt ta, jout dy de hân en seit:*) Hjir, swaeger! dêr is myn hân, stek de holle nou mar op; hwet bard is, dat is bard, dêr wirdt nou net mear oer tocht, wêz nou bliid mei it lok fen jou soan en leau mar frij, dat jo in dochter krije, dy 't jou eare heech hâlde scil. Kom, wy binne swaegers, lit ús nou ek wer frjeunen wêze . . . 't is wier, ik bin wol ris hwet rau, mar ik mien it net sa min, oars wol?

Gjalt.

Ik wol graech leauwe, Rjuerdom, dat jou it goed miene, howol jo wize fen dwaen wol ris hwet frjemd is, mar ik fen myn kant scil 'r my by del jaen, ik jouw myn tawird. (*Nou geane Rjuerd en Feikje hân yn hân nei him ta, krije him elts by in hân en sizze:*)

Rjuerd Gjalt.

O, myn bêste heit! hwet meitsje jou my nou lokkich.

Feikje.

Bêste Gjaltboer! jou jouwe my it libben wer, ik scil jo ljeaf habbe as in eigen bern.

Gjalt, (oandien.)

Dêr kin ik op bitrouwe, dat fiel ik nou; forjouw it my mar dat ik sa blyn wêst ha, den is it my al enôch.

Feikje, (*leit Gjalt nou de hân op 'e mûle.*)

Sa meije jou net prate, heit! . . . ik mei jo sa ommers wol neame? . . . Lyk as Rjuerdom niis sei, hwet foarby is, dat is foarby, dêr wirdt nou net mear om tocht, wêz nou mar bliid en lokkich mei ús.

Gjalt.

Dat bin ik ek, myn bern, leau dat mar . . . mar ho is 't, myn Feikje! scoenen jo âlden 'r nou wol yn tastimme wolle, nou 't jou sa ryk wurde? (*Dokter hie dit wol oankommen sjoen en dêrom ûnderwiles Jabik en Berber, dy 't er ek meinommen hie yn 'e wein, al wjurd om op te kommen; dizze hadde dêroan foldien.*)

Jabik, (*giet nou nei Gjaltboer ta en seit:*)

Ja, wol jouwe wy ús tawird, Gjaltboer! Hjir is myn hân der op. (*Hy jout Gjalt de hân.*) Lit ús foartoan frjeunen bliuwe en mei'noar ús forbliidsje yn it lok fen ús bern, ek by forskeel fen mieningen. (*Feikje is ûnderwiles hjar mem, sa dré hja dy seach, fol blydskip om 'e hals fallen.*)

Berber, (*makket Feikje hjar hânnen nou sêft los, sjocht om hjar hinne hwêr dokter stiet en seit. tsjin Feikje en tsjin de oaren, wylst hja mei de finger op dokter wyst:*)

Sjoch dêr de man, dy 't ús Feikje wer better makke het; earst mei drankjes en pillen en letter mei oare middels, do drankjes en pillen net mear helpe koenen. (*Hja giet nei dokter ta, bûcht djip foar him en seit tige oandien:*) Bêste dokter! goede frjeun! . . . it is in mem, dy de jefte fen hjar tankber herte oan jo foetten leit, foar dat jou hjar ienichst bern it libben rêdden ha.

Rj u e r d o m, (*wylst er mei syn
sliepmûtse swaait.*)

Hoera!! foar de dokter!!

D o k t e r, (*om syn oandwanning
to forbergjen* :)

Hoera!! foar Rj u e r d o m!! (*En nou roppe hja allegearre* :)
Hoera!! foar Rj u e r d o m!! lang seil 'r libje . . .

R j u e r d o m, (*oandien*.)

Fij! hwet giet dat wer raer, jimme scoenen meitsje dat 'r wetterlânners kamen en dat op sa'n dei fol blydskip, dat past nou net, hear . . . lit ús ljeaver mei'noar in sankje sjonge, dat is, tinkt my, folle better . . . Ho is 't dokter! habbe jou hjir ek noch mear lju binnensmokkele? Lit se den allegearre mar hjir komme, ho mear sielen ho mear fleur. (*Nou komme Tetsje, Lys en Sibbel ek op, hja jouwe Rj u e r d en Feikje stilswijend de hân en binne, foaral Tetsje, tige oandien en bliid. Dêrnei geane hja allegearre yn in heale moanne stean, Rj u e r d en Feikje yn 'e midden, dêroan oan 'e iene kant Rj u e r d o m en Gjalt en oan 'e oare kant Jabik en Berber; de oaren slûte hjar dêrby oan beide kanten oan. Hja sjonge* :)

W I Z E: *Hwet is de frije Fries syn groun?*

Hwet liket nou de takomst skoan;
't Is foar de wyn, 't is sinneskyn;
Dêr is nin wolkje oan 'e loft;
't Is allegearre will' en nocht;
O ja! o ja, o ja, o ja, (*bis*)
De takomst liket moai ús ta!

Rj u e r d Gjalts en Feikje togearre.

Hwet liket nou de takomst skoan;
Nou binne wy, fen soargen frij;
't Is Rj u e r d o m, dy ús helpe koe,

En dy ús ek graech helpe woe;
 O ja ! o ja, o ja, o ja, (*bis*)
 Us tank dêrfoar, komt Rjuerdom ta.

Rjuerdom allinne.

Jimm' tank, myn berntsjes! docht my goed.
 Mar hear nei my en leau mar frij:
 Dy tank heart my allinne net,
 Dêr is ien, dy my holpen het;
 De Himmelheit, it is mar sa,
 Him komt jimm' tank it measte ta.

Allegearre mei'noar.

O ja! o ja, o ja, o ja, (*bis*)
 Him komt ús tank it measte ta.

Kom, libje wy nou mei elkoar,
 Foriend fen sin, yn ljeafd' en min;
 Dat bringt de Himmel op 'e wrâld,
 Foar ryk en earm, foar jong en âld;
 O ja! o ja, o ja, o ja, (*bis*)
 Hwet wolle wy noch better ha!

IT GERDYN FALT.

